UNIVERSITY OF AMSTERDAM

UvA-DARE (Digital Academic Repository)

Kodeks Siccama

spoaren fan in ferdwûn Aldwestfrysk rjochtshânskrift

Nijdam, H.; Versloot, A.; Meijering, H.

Publication date
2012

Document Version
Final published version

Published in
Us Wurk

Link to publication

Citation for published version (APA):
Nijdam, H., Versloot, A., & Meijering, H. (2012). Kodeks Siccama: spoaren fan in ferdwûn Aldwestfrysk rjochtshânskrift. *Us Wurk*, *61*(1-2), 1-56. https://ugp.rug.nl/uswurk/article/view/26730

General rights
It is not permitted to download or to forward/distribute the text or part of it without the consent of the author(s) and/or copyright holder(s), other than for strictly personal, individual use, unless the work is under an open content license (like Creative Commons).

Disclaimer/Complaints regulations
If you believe that digital publication of certain material infringes any of your rights or (privacy) interests, please let the Library know, stating your reasons. In case of a legitimate complaint, the Library will make the material inaccessible and/or remove it from the website. Please Ask the Library: https://uba.uva.nl/en/contact, or a letter to: Library of the University of Amsterdam, Secretariat, P.O. Box 19185, 1000 GD Amsterdam, The Netherlands. You will be contacted as soon as possible.

UvA-DARE is a service provided by the library of the University of Amsterdam (https://dare.uva.nl)

Download date:15 Nov 2026

Kodeks Siccama
Spoaren fan in ferdwûn Aldwestfrysk rjochtshânskrift

Han Nijdam en Arjen Versloot,
mei meiwurking fan Henk Meijering

Summary

In 1617, the Frisian scholar Sibrandus Siccama (1571–1622) published an annotated edition of the Lex Frisionum, a legal text which had only come to light several decades before, thanks to the 1557 edition of Johannes Herold. In his annotations (written in Latin), Siccama compared paragraphs from the Lex Frisionum with various Old West Frisian law texts. In this process, he quoted several passages from these Old Frisian sources. Based on the evidence found in these quotations, we believe that Siccama did not borrow them from one of the Old West Frisian law manuscripts we know today – Jus Municipale Frisonum, Codex Unia or Freeska Landriucht / Druk – but from a manuscript he had access to but which is now lost. We suggest calling this manuscript 'Codex Siccama'.

Dat de oerlevering fan it Aldfrysk (sa. 1250–1550) tige beheind is, wit eltsenien dy't him ek mar in bytsje yn de matearje ferdjippe hat.[1] Der binne minder as tweintich kodeksen mei Aldfryske rjochtsteksten bewarre bleaun. Dy oerlevering is boppedat útsmard oer it grutste part fan it gebiet dat yn de midsieuwen Frysk wie, tusken it Fly (no Iselmar) en de Wezer yn Dútslân.

Der hat fansels folle mear hânskriftlik materiaal west, mar dat is yn de rin fan 'e ieuwen ferlern gongen.[2] Sa hiel út en troch dûkt der noch wolris in flardsje Aldfrysk op en komt dan ûnder de eagen fan Aldfrisisten. Jelle Brouwer (1900–1981) en Pieter Gerbenzon (1920–2009) hiene beide it ge-

1. Wy wolle graach Sylvie Boersma, Derk Drukker, Onno Hellinga (†), Riemer Janssen, Paul Noomen, Anne Popkema, Johanneke Sytsema en Oebele Vries tige tank sizze foar harren ynhâldlike en praktyske help by it ta stân kommen fan dit artikel. Ek de (oare) leden fan de Oarkonderûnte fan de Fryske Akademy wolle wy tankje foar de positive feedback dy't sy jûn hawwe op de presintaasje fan dit materiaal op 8 febrewaris 2011.

2. Sjoch foar in resint oersjoch: Bremmer, *Hir is eskriven*, 135–145. Hjir kin noch oan taheakke wurde dat op basis fan it ûndersyk fan Henk Meijering nei de resepsje fan Westerlauwerske rjochtsteksten yn de Grinzer Ommelannen foar dat gebiet op syn minst 11 manuskripten rekonstruearre wurde kinne (oan de hân wêrfan't dus de oersettings yn it Nederdútsk ûntstien binne).

lok saneamde *membra disiecta* te finen: stikjes fan letter fersniene – yn dit gefal dus Aldfryske – hânskriften dy't brûkt waarden as bynmateriaal foar jongere boekbannen.[3] Oebele Vries ûntduts ferskate Aldfryske oarkonden en lytse teksten.[4] Ek Henk Meijering, Redmer Alma en Philippus Breuker diene fynsten.[5]

Meinte Oosterhout (1920–1970) wie hiel tichteby de ûntdekking fan de spoaren fan in Aldwestfrysk rjochtshânskrift. Doe't er yn syn – postúm ferskynd – artikel 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus' fan 1970 in kreas oersjoch joech fan de Aldfryske sitaten dy't de humanist Sibrandus Siccama yn 1617 yn syn bekommentariearre útjefte fan de *Lex Frisionum* (sa. 800) opfierde, ferlike er dy sitaten mei de bekende Aldwestfryske hânskriften Jus Municipale Frisonum (koartwei: Jus), Kodeks Unia (koartwei: Unia) en de ynkunabel Freeska Landriucht (koartwei: Druk).[6] Mear as fiifentweintich kear frege Oosterhout him yn it artikel ôf, oft Siccama dochs ek net in noch ûnbekend Aldwestfrysk hânskrift foar him hân hie. Hy tocht fan al, mar tocht ek dat Siccama yn it besit west hie fan Jus, Druk en faaks ek noch Unia.

No, fjirtich jier nei it ferskinen fan Oosterhout syn artikel, tinke wy dat oannimlik te meitsjen falt dat Siccama yndie út in Aldwestfrysk rjochtshânskrift sitearre hat dat út it lêste fearn fan de 15e ieu stamde en dat yn syn besit wie. Sûnt dy tiid is it lykwols spoarleas ferdwûn. De sitaten út syn bekommentariearre útjefte fan de *Lex Frisionum* wolle wy beskôgje as fragminten fan in fierder net oerlevere 'Kodeks Siccama'. Yn dit artikel sil dy hypoteze oannimlik makke wurde. Earst komme Siccama syn libbensrin en syn útjefte fan de *Lex Frisionum* út 1617 oan 'e oarder. Dêrnei wurde de Aldfryske sitaten yn Siccama syn boek identifisearre en besprutsen. Ear't wy de sitaten ortografysk analysearje, geane wy yn op it hânskrift dat Siccama nei alle gedachten yn syn besit hân hat en de relaasje dêrfan mei Druk, dêr't Siccama ek nei ferwiist yn syn kommentaren. It artikel beslút dan mei inkelde útspraken oer mooglik plak en tiid fan ûntstean fan Kodeks Siccama en inkelde opmerkings oer de besitsskiednis fan it hânskrift Jus.

---

3. Brouwer, 'Hwet in pear flardtsjes parkemint yen leare kinne'; Gerbenzon, 'Oudfriese handschriftfragmenten'.
4. Vries, 'Nòch in Aldfryske oarkonde út Gint'; Vries, 'In Frysktalich *Memoriael*'; Vries, 'Aldfryske famyljeoantekeningen'; Vries, 'Aldfryske ynskriuwingen'.
5. Meijering (ed.), *Oudfriese kronieken uit het handschrift Leeuwarden RA Schw. 3992.* ; Alma, 'Het Oudfriese landrecht van het Oldambt'; Breuker et al., *Landrecht der Vriesne*.
6. Oosterhout, 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus'.

1. Sibrandus Siccama en syn útjefte fan de Lex Frisionum

Sibrandus Siccama (1571–1622) wie fan 1602 ôf stedssekretaris fan Boalsert. Hy folge yn dy funksje syn heit, Tjaerd Siccama, op. Siccama hie rjochten studearre oan de Universiteit fan Frjentsjer, dêr't er him yn 1590 ynskreaun hie. Wy fetsje syn libben fierder yn in pear jiertallen gear. Yn 1595 waard er stedssekretaris fan Hasselt, yn 1596 krige er it doktoraat yn de rjochten (*utriusque iuris*) yn Frjentsjer, yn 1598 kaam er as abbekaat werom nei Boalsert en fêstige him dêr, en yn 1602 folge er dus syn heit op as sekretaris fan dy stêd. Hy ferstoar 31 maaie 1622 en waard yn de tsjerke fan Boalsert begroeven.

Sa't it meast resint Kees Dekker yn twa artikels beklamme hat, hie Siccama de beskikking oer in grut netwurk fan gelearden dêr't er mei korrespondearre. Hy stie yn kontakt mei sokken as Joseph Justus Scaliger en Petrus Scriverius yn Leiden, Janus Gruterus yn Heidelberg, Johannes Isaacus Pontanus yn Harderwijk, Johannes Saeckma yn Frjentsjer en ta eintsjebeslút de lânshistoarjeskriuwers fan Fryslân fan dy tiid, Bernardus Furmerius (1597–1616) en dy syn opfolger Pierius Winsemius (1616–1644).[7]

Siccama wie in humanistysk gelearde, mei in ynteresse foar it âlde rjocht en de Fryske skiednis yn syn wiidste omfieming. Doe't yn 1617 syn bekommentariearre útjefte fan de *Lex Frisionum* ferskynde, hie er al in pear oare wurken op syn namme. Yn 1597 en 1599 brocht er meiïnoar trije boeken út oer it Romeinske rjocht en de Romeinske kalinder. Yn 1616 folge noch in biografysk boekje oer syn ferstoarne freon, de teolooch Godefridus Sopingius (1573–1615).[8]

Siccama hat mooglik wat te krijen hân mei op syn minst twa teksten, dy't pas letter yn print ferskynd binne. Yn it foarste plak binne dat de Fryske sprekwurden, dy't no op namme fan George van Burmania steane, op basis fan de ûndertekening 'C.G. v. B.' op it âldst oerlevere hânskrift, fan 1614. Martin Engels, âld-konservator hânskriften fan de Provinsjale Biblioteek Fryslân, wol lykwols hawwe dat Sibrandus Siccama in rol spile hat yn dizze sprekwurdesamling. Yn alle gefallen hawwe Siccama en syn stúdzjefreon Johannes Saeckma sprekwurden opstjoerd oan Janus Gruterus, dy't dwaande wie mei it oanlizzen fan in ynternasjonale samling fan sprekwurden.[9] De

7. Dekker, 'Sibrandus Siccama on the *Lex Frisionum* (1617)', 67.
8. Sjoch oer it netwurk dat Siccama as studint oan de universiteit fan Frjentsjer opboude: Jensma, 'Uit het huis van Arcerius'.
9. Sjoch de webside fan Martin Engels: http://home.wanadoo.nl/mpaginae/Pontanus Siccama/Siccama_correspondentie.htm#Bev (14 september 2010) en Van der Kuip, *De*

inisjalen ‘C.G. v. B.’ ferwize fierders neffens Engels nei Cornelis Guillelmi van Beveren. Van Beveren kaam fan Dordrecht en waard yn 1607 ynskreaun oan de Universiteit fan Frjentsjer. Dat soe ek it Nederlânske opskrift fan it hânskrift fan 1614 ferklearje: *Der oude vrije Friesen Spreeckwoorden*. Neffens dit senario wie Van Beveren de skriuwer fan it âldst bekende hânskrift, mar wie dat in ôfskrift fan in al besteande kolleksje dy’t Siccama en Saeckma faaks (mei) gearstald hawwe.

Twads tinkt Rolf Bremmer dat de Fryske grammatika dy’t Simon Abbes Gabbema (1628–1688) ôfprinte yn it twadde diel fan de twadde printinge fan de *Friesche Rymlerye* fan Gysbert Japicx út 1681 wolris troch Siccama skreaun wêze kinne soe.[10] Dat twadde diel befettet in sabeare neirispinge fan Gysbert Japicx syn wurk, mar de teksten dy’t der yn steane binne foar in grut part net fan syn hân. Wy komme hjirûnder noch werom op dat boek en op Gabbema.

Nei dizze koarte yntroduksje fan de persoan Sibrandus Siccama kin men jin faaks better foarstelle dat dizze man yn 1617 in bekommentariearre útjefte fan de *Lex Frisionum* útkomme liet mei as titel: *Lex Frisionum sive antiquae Frisiorum leges, a reliquis veterum Germanorum legibus separatim aeditae et notis illustratae* (‘De wet fan de Friezen of de âlde wetten fan de Friezen, apart útjûn fan de oare wetten fan de âlde Germanen en taljochte mei opmerkings’). Dy titel jout oan wat Siccama dien hat. Hy hat nammentlik foarst de *Lex Frisionum* apart útjûn, dus net lykas de twa eardere edysjes dy’t op dat stuit ferskynd wiene, tagelyk mei de oare *Leges barbarorum* (wetten fan de Germanen). Twads zoomt Siccama yn op Fryslân troch net allinne de *Lex Frisionum* ôf te printsjen, mar ek de Latynske tekst fan de *Wilkerren fan de Opstalsbeam* fan 1323. Dêrnei folget in diel mei *notae* of ‘noaten / kommentaren’ fan syn hân.

Dat lêste diel is foar it ûnderwerp fan dit artikel it nijsgjirrichst. Ien fan de wichtichste saken dy’t Siccama dêr nammentlik oantoane wol, is de kontinuïteit fan it Fryske rjochtssysteem. Dat docht er troch te wizen op parallellen tusken bepalings yn de *Lex Frisionum* en paragrafen út it Aldfryske rjocht.

Siccama syn boek is frij lyts: justjes mear as 150 siden. It part mei de *notae* beslacht 88 siden. Kees Dekker wiist der op dat Siccama – sa’t bliken docht út in brief oan Johannes Pontanus – fan doel wie en skriuw in wiidweidiger wurk. De stúdzje fan 1617 kin dan sjoen wurde as in soarte fan

---

Burmania-sprekwurden.

10. Bremmer, ‘Oer datearring, funksje en auteurskip’.

prepublikaasje – ‘een niet ongebruikelijke wijze van publiceren in die tijd’.[11] Dochs hat dat lytse boekje in grutte ynfloed en populariteit hân. It waard in heale ieu letter entûsjast brûkt troch sokke ûndersikers fan it Aldfrysk as Franciscus Junius en Janus Vlitius.[12] Yn ferskate eksimplaren fan Druk en sels yn Jus binne yn de marzje ferwizings nei Siccama syn wurk te finen, oanbrocht troch 17e- en 18e-ieuske besitters.[13]

2. Aldfrysk yn Siccama syn útjefte fan de Lex Frisionum

2.1 Teksten

Om de kontinuïteit fan it rjocht fan de Friezen fan de optekening fan de *Lex Frisionum* ôf oan te toanen brûkte Siccama dus sitaten út Aldfryske rjochtsteksten. Hy hat dat yn totaal 39 kear dien. Fan dy sitaten, dy’t soms út folsleine rjochtsbepalings besteane, mar soms ek út mar ien wurdsje, binne 27 te plak te bringen, of omdat it om sokke lange stikken tekst giet dat se te identifisearjen binne, of omdat it om wurden giet dy’t sa unyk binne dat se mar yn ien bekende Aldfryske tekst foarkomme. (Sjoch taheakke 1 foar in edysje fan dy sitaten.)

De grutte fraach is wêr’t Siccama dy sitaten wei hat. Wêr hat er it Aldfrysk út ôfskreaun? Oosterhout hat yn syn artikel fan 1970 al in hiel soad foarwurk dien wat it analysearjen en te plak bringen fan de sitaten oanbelanget. Hy kaam lykas sein ta de konklúzje dat Siccama én Jus én Unia én Druk én in eigen ‘weiwurden’ hânskrift op syn buro hie.[14] Dat is op himsels om twa redenen al in tige ûnwierskynlik senario.

Dat Siccama in eksimplaar besiet fan de ynkunabel Freeska Landriucht of Druk is a priori mooglik: dêr wiene ommers mear eksimplaren fan yn omrin, en wy witte net hoefolle oft der oait west hawwe. Wy sille hjirûnder yndie sjen dat Siccama gebrûk makke hat fan Druk. Mar it soe wol hiel bysûnder wêze as Siccama boppedat ek noch de besitter wie fan de unike hânskriften Jus en Unia, krekt de iennichste orizjinele Westerlauwerske rjochtshânskriften dy’t we no noch kinne.

---

11. Dekker, ‘Sibrandus Siccama’s editie van de *Lex Frisionum*’, 97.
12. Dekker, ‘Sibrandus Siccama’s editie van de *Lex Frisionum*’, 102–104; Dekker, ‘The Old Frisian Studies of Jan van Vliet’, 117.
13. Bygelyks yn Junius syn eksemplaar fan Druk, Bodleian Library Oxford, Ms. Junius 109, fol. 23a (p. 17). Nammerste nuverder is it, soene jo fan betinken hawwe kinne, dat it boekje ûntbruts yn de biblioteken fan sawol it Hof fan Fryslân as fan de universiteit fan Frjentsjer. Sjoch: Feenstra, ‘De Libri juridici’, 46.
14. Oosterhout, ‘Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus’, 108–110.

Boppedat wol Oosterhout hawwe dat Siccama foar in sitaat earst nei de ferskate redaksjes yn Jus, Unia en Druk seach, en dêr dan dêrnei syn eigen ferzje fan broude. Ek dat liket ûnwierskynlik. It is yndie sa dat humanisten yn it generaal op syk wiene nei de *ipsissima verba* fan de klassike auteurs en op grûn dêrfan safolle mooglik ferzjes fan ien tekst mei elkoar ferliken.[15] Mar dat sjogge wy net werom by de humanisten dy't Aldfryske boarnen ôfskreaune: Franciscus Junius, Simon Abbes Gabbema en Christianus Schotanus. Dêrfan is hieltyd te sjen hokker boarne as se ôfskreaune. Wy fine by harren gjin mingredaksjes.

Tabel 1

	Siccama	**Sigle**	**App**	**Jus**	**Unia**	**Druk**
1	Ald Skeltarjocht	SkRa	855	X	X	X
2	17 Kêsten	K17	627	X	X	X
3	24 Lânrjochten	L24	630	X	X	X
4	Wenden / útsûnderings op de 17e Kêst	We17	629	X	X	X
5	Westerlauwersk Syndrjocht	SWl	857	X	X	X
6	*Skakraf*	Ska	865	X	X	X
7	*Bireknade Bota*	BBr				X
8	Syndrjocht fan Bolsward (1377)	SBw	914	X		
9	Wilkerren fan Wymbritseradiel (1404) (ek bekend as *Papena ponten*)	Pap	899	X		
10	Wilkerren fan de Opstalsbeam	WUps	633		X	X

De Aldfryske rjochtsteksten dêr't Siccama út sitearret, binne te finen yn tabel 1. Dy teksten binne hast allegear troch Oosterhout identifisearre, útsein it boeteregister *Bireknade Bota* en de *Wilkerren fan de Opstalsbeam*. Wat dy earste tekst oanbelanget: Oosterhout hie it yn 1970 noch oer fierder net spesifisearre 'Westerlauwerse boetetaksen' en ferlike de sitaten fan Siccama mei alle bekende boeteregisters. Yn de folgjende paragraaf sille wy sjen dat de sitaten fan Siccama allegear út ien spesifyk boeteregister komme – de

15. Krebs, *A Most Dangerous Book*, 67; Pfeiffer, *History of Classical Scholarship*, II.

Bireknade Bota. Dêrneist binne der noch in pear teksten dêr't Siccama faaks út sitearret, mar dêrby giet it om inkelde wurdsjes of mar in pear wurden. Wy sille hjirûnder sjen dat it foar dy koarte sitaten yn in pear gefallen faaks dochs mooglik is om te sizzen út hokker tekst oft se ôfkomstich binne. Ien fan dy koarte sitaten kinne wy mei frijwat wissigens fan oannimme dat it ôfkomstich is út de *Wilkerren fan de Opstalsbeam*. Dat is dêrom de lêste tekst yn de tabel.

Yn tabel 1 is ek oanjûn oft de teksten dy't yn Siccama identifisearre binne, yn de hânskriften Jus, Unia of Druk foarkomme. Teksten 1 oant en mei 6 binne sawol yn Jus as yn Druk as yn Unia te finen; tekst 7 allinne yn Druk; teksten 8 en 9 allinne yn Jus en tekst 10 yn Druk en Unia (mar net yn Jus). Op basis fan alinnich de ynhâldsopjeften – as in earste observaasje dus – kin sein wurde dat as boarne foar de sitaten by Siccama net ienriedich ien fan de bekende hânskriften oan te wizen falt, want Siccama hellet teksten oan dy't gauris allinne yn Druk te finen binne en gauris allinne yn Jus. De rekonstruksje sil dus yngewikkelder wêze as ien inkeld hânskrift as boarne oanwize.

2.2 Siccama oer syn Aldfryske boarnen

Sibrandus Siccama seit sels ek wat oer syn Aldfryske boarnen dêr't Oosterhout gjin acht op slein hat, mar dat tige wichtich is foar ynsjoch yn de hânskriften dy't Siccama ta syn foldwaan hie. Foarst hat Siccama it yn syn kommentaartekst oer in *codex iuris Frisici* of *Jus Frisicum*. Hieltyd as er in Aldfrysk sitaat jout begjint er mei in opmerking as *in antiquo jure nostro*, *in veteri jure frisico*, *in jure frisico*, *in veteri nostro jure Frisico*, *veteri jure frisico*, *in jure nostro frisico*, *Ius Frisicum*, dus 'it / ús (âlde) Fryske rjocht'. Dy oantsjuttings fine wy as ynlieding op alle Aldfryske sitaten útsein twa. By de sitaten út it *Syndrjocht fan Boalsert* en de *Wilkerren fan Wymbritseradiel* fermeldt Siccama nammentlik dat it oanbelangjende sitaat komt út it *Ius Synodale decanatus Bolverdiensis scriptum Anno MCCLXXII* dan wol *in Statutis Wagenbruggensibus hodie Wiimbritseradeel*. Siccama hat it dus oan de iene kant oer in *(vetus) Jus Frisicum* dêr't blykber sitaten út de earste sân teksten yn it listke hjirboppe yn te finen binne (*Ald Skeltarjocht*, *17 Kêsten*, ensfh.) en tsjut oan de oare kant it *Syndrjocht fan Boalsert* en de *Wilkerren fan Wymbritseradiel* as losse ienheden oan.

Dat byld is werom te finen yn de *Index auctorum et instrumentorum quorum testimoniis usi sumus*, de literatuerlist dus, dy't hielendal oan 'e ein fan it boek ôfprinte is. Dêr fine wy los fan mekoar dizze Fryske boarnen neamd: *Ius Frisicum*, *Stat. Wagenbruggae sive Wienbritzeradeel*, *Synodus*



Figuer 1: Siccama, *Lex Frisionum,* side 158

Bolsuardiens.[16] De langere sitaten út de folgjende teksten komme dus út in boarne dy't Siccama *Jus Frisicum* neamt: *Ald Skeltarjocht*, *17 Kêsten*, *24 Lânrjochten*, *Wenden (útsûnderings) op de 17e Kêst*, *Westerlauwersk Syndrjocht*, *Skakraf*, *Bireknade Bota*. Dêrmei ferwiist Siccama nei in ienheid dy't grutte oerienkomsten hat mei Druk. Unia en Jus falle op dit stuit dus ôf as mooglike boarnen, omdat 1) de *Wilkerren fan Wymbritzeradiel* en it *Syndrjocht fan Boalsert* blykber net yn it *Jus Frisicum* steane (en fierders allinne yn Jus) en 2) Unia en Jus net de *Bireknade Bota* befetsje. Omdat dy lêste tekst allinne yn Druk foarkomt, soene wy eins folstean kinne mei de *Bireknade Bota* yn Druk mei de sitaten út dy tekst by Siccama te ferlykjen. Dat sille wy dêrom aanst as earste dwaan. Mar wy sille ek nei de oare teksten sjen. Omdat Oosterhout dat al treflik dien hat, sille wy de wichtichste útkomsten út dy syn ûndersyk sjen litte. Dêr komt nammentlik nochris út dat Druk foar de oare teksten lang net altyd de grutste oerienkomst mei it Siccama-sitaat opsmyt.

Wy wolle mei oare wurden oantoane dat Siccama in hânskrift hân hat dat ynhâldlik tige besibbe wie oan Druk, mar net Druk wie. Dêrnei wurdt it ferhaal lykwols yngewikkelder, omdat Druk wol in rol spilet yn dit gehiel. De teksten *Wilkerren fan Wymbritzeradiel* en it *Syndrjocht fan Boalsert* komme dan ek wer yn byld en hearre wierskynlik dochs wol ta de ynhâld fan de ferdwûne kodeks Siccama.

16. De sidenûmers achter dizze boarnen strike mei de fynplakken fan de Aldfryske sitaten.

3. It filter fan Siccama: 17e-ieuske ôfskriuwpraktiken

Ear't de Aldfryske sitaten fan Siccama neier analysearre wurde kinne, moat earst besjoen wurde hoe't yn de 17e ieu omsprongen waard mei Aldfryske boarnen. Wy sille dat dwaan troch de ôfskriuwpraktiken fan trije oare humanisten te hifkjen: Franciscus Junius (1591–1677), Simon Abbes Gabbema (1628–1688) en Christianus Schotanus (1603–1671). Foar dy trije humanisten jildt oars dat hja inkelde boarnen ôfskreaunen en net op eigen manneboet in mingredaksje makken út mear as ien boarne wei.

3.1 Sibrandus Siccama: Lex Frisionum

Foarst moat lykwols koart Siccama syn krektens yn it ôfskriuwen hifke wurde. Spitigernôch kinne wy dat net dwaan foar folkstalige teksten fan syn hân, mar wol foar syn edysje fan de *Lex Frisionum*. Dy moat nammentlik werom gean op Herold syn edysje fan 1557, de boarne foar de *Lex Frisionum*, mei't der gjin midsieusk hânskrift fan dy tekst oerlevere is.[17] In ferliking fan beide teksten – dy fan Herold en dy fan Siccama – smyt in pear flaters en wat normalisaasjes op.

In stekproef – titel I en de earste 34 bepalings fan titel XXII (*De dolg* 'Oer ferwûnings') – jout in goed byld fan wat Siccama dien hat. Hy normalisearret <i> ta <j> en <u> ta <v> as dat better yn it wurdbyld past. Ek skriuwt er sa no en dan bedraggen út dy't by Herold yn Romeinske sifers jûn binne, bgl. <XXIII> yn titel I,9 by Herold, dy't Siccama útskriuwt as <vigintitribus>. Siccama hat in pear lytse flaters makke. Yn titel I,10 hat er in sindiel fergetten ôf te skriuwen. Yn titel XXII,11 hat er <jugam> ynstee fan *rugam* 'rimpel yn de foarholle' skreaun en yn titel XXII,3 hat er it folkstalige wurd *durslegi* 'dúst' skreaun as <durlegi>. Dy flater makket er oars letter yn syn kommintaarpart op 'e nij (sjoch sitaat 17 hjirûnder).

Siccama wie om koart te kriemen ridlik krekt yn syn ôfskrift fan de *Lex Frisionum*. Dêrby moatte wy der lykwols wol rekken mei hâlde dat er it Latyn goed yn 'e macht hie. Dat docht bygelyks bliken út it feit dat er de ablativus absolutus-konstruksje *excepto tertia parte* ('útsein it tredde diel') by Herold twa kear grammatikaal ferbetteret yn *excepta tertia parte*. Siccama behearske lykwols gjin Aldfrysk, mar seach wierskynlik gjin grutte kleau tusken it Aldfrysk en it Frysk fan syn tiid. Dat hoe't er mei Aldfryske sitaten omgong, kinne wy net hielendal ôfliede út dizze stekproef, al krije wy wol in aardich byld fan syn krektens: dy foel net ôf.

17. Herold, *Originum*, 131–143. Sjoch ek Siems, *Studien zur Lex Frisionum*.

3.2 Franciscus Junius syn krewearjen op it mêd fan it Aldfrysk

Franciscus Junius wie berne yn Heidelberg, mar groeide op yn Leiden, dêr't er letter ek studearre. In grut part fan syn libben wie er bibliotekaris fan de Ingelske earl of Arundel.[18] Junius makke yngeand stúdzje fan ferskate Germaanske talen, lykas it Goatysk, it Aldingelsk en it Aldheechdútsk. Hy wie ek tige ynteressearre yn it Frysk.[19] Hy makke in reis nei Fryslân – yn hokker jier is ûnbekend – dêr't er ûnder oaren Gysbert Japicx en Gabbema troffen hat. Fan Gysbert krige er materiaal mei: ûnder oaren in pear autografen fan gedichten. Fan Gabbema liende er in let 15e-ieusk Aldfrysk hânskrift, dat bekend stiet as Unia. Dy kodeks is sûnt Gabbema him yn syn besit hie ferdwûn. Gelokkich makke Junius der in ôfskrift fan, dat no brûkt wurdt as boarne foar de ynhâld fan it hânskrift. As sjoen wurdt nei de gronology fan de eveneminten, dan is it it wierskynlikst, dat Junius it hânskrift wer weromjûn hat oan Gabbema (faaks hat it Fryslân net ferlitten, mar hat Junius it tidens syn ferbliuw by Gabbema ôfskreaun). Dan soe de syktocht nei it ferdwûne hânskrift Unia dus by Gabbema begjinne moatte.

Omdat Junius him as ien fan de earsten fan syn tiid mei sa'n soad Germaanske talen dwaande holden hat, is der ridlik wat stúdzje nei syn persoan dien. Yn in resint artikel jout Kees Dekker eksplisyt omtinken oan Junius syn kwaliteiten as ôfskriuwer.[20] Dêrby leit er benammen de klam op Junius syn krewearjen op it mêd fan it Aldingelsk. Dekker komt ta de konklúzje dat Junius yndie sa no en dan flaters makke yn syn ôfskriften (wat net mear as minsklik is), mar dat er ek emendearre op grûn fan syn ideeën oer hoe't it Aldingelsk der út sjen moatte soe. Ek loste er stilswijend ôfkoartings op. It andert op de fraach dy't troch eardere ûndersikers opsmiten is, oft Junius no in kopiïst wie of in editeur, is neffens Dekker dat er in 17e-ieuske filolooch fan de bêste soarte wie.

Wy moatte der by Junius mei oare wurden wach op wêze dat benammen foarmen en wurden dy't ôfwike fan wat er as de noarm seach, troch him oanpast binne. Mar hoe wurket dat út foar it Aldfrysk, in taal dêr't er folle minder betûft yn wie as it Aldingelsk? In pear frisisten hawwe harren oer Junius syn ôfskriuwpraktiken op it mêd fan it Aldfrysk bûgd. Sa hat Henk Meijering nei Junius syn ôfskrift fan de *Wilkerren fan de Opstalsbeam* sjoen en Brouwer nei it *Autentica Riocht*.[21] Ut dy analyzes docht bliken dat Junius

18. Breuker, 'On the Course of Franciscus Junius' Germanic Studies', 46–47.
19. Breuker, 'On the Course of Franciscus Junius' Germanic Studies'.
20. Dekker, 'Franciscus Junius (1599–1677): copyist or editor?'.
21. Brouwer, *Thet Autentica Riocht*, 15–18; Meijering, *De Willekeuren van de Opstals-*

ek slachtoffer wurden is fan de faak foarkommende flaters (<m> foar <in>, <t> foar <c>, ensfh.) en dat er lykas de oare humanisten fan syn tiid maklik normalisearre (<j> ~ <i>, <u> ~ <v>, <y> ~ <i> / <ij>, ensfh.). Boppedat sjogge wy dat Junius ek by it Aldfrysk in bepaald ideaalbyld foar eagen hie, mar dat dat net late ta yngripende emendaasjes. Mar by ynterpunksje en gearstallings naam er beskate frijheden dy't moderne editeurs no net nimme soene.

Foar dit artikel hawwe wy sels ek nochris in pear siden fan Junius syn ôfskrift fan Kodeks Fivelgoa (F) ferlike mei it orizjineel.[22] Yndie sjogge wy yn it foarste plak dêr ek stilswijend oploste ôfkoartings, gearstallings dy't by elkoar lutsen binne wylst se yn it orizjineel los skreaun binne, de wenstige losse skriuwwize foar <u> / <v>, <i> / <j>, <c> / <k> ensfh. dy't niis ek al neamd waarden. Twads hat Junius ek hjir de bekende en hjirboppe al neamde flaters makke (lykas sa no en dan in <t> dy't as <c> lêzen wurde moat).

Wichtiger binne de normalisaasjes en ûngebrûklike flaters. Op twa plakken yn dizze stekproef hat Junius yngrypt. Hy hat <mitha> ferbettere yn *mith tha* en <anta> yn *and tha*.[23] Fierders hat er 1) trije kear it prefix *un-* (<vn>) net lêze kind yn F en skreaun as *bij*, 2) *erth* yn de gearstalling *erth-keningan* (<ert keni*n*gan>) net begrepen en skreaun as <other>, 3) <ne mei> skreaun as <nei> en hat er earne it hiele sinsdiel <thi asega and ti prestere> oerslein. Op trije plakken skriuwt Junius <mid>, <der> en <da> foar <mith>, <ther> en <tha> yn it orizjineel. Ien kear ferskriuwt er <kni> yn F ta <kin>, wat yn it Ingelsk – de taal dy't er spruts – yndie ek 'famylje, sibben' betsjut, lykas Aldfrysk *kni*.

Gearfetsjend kin dus fêststeld wurde dat hoewol't Junius ridlik sekuer ôfskreau, syn flaters en normalisaasjes wol in filter oer it orizjineel hinne lizze. Gelokkich is it orizjinele Fivelgoaër hânskrift bewarre bleaun. Mar dizze observaasjes sizze ek wat oer Junius as boarne foar Unia: wy sille it orizjinele hânskrift net folslein werom rekonstruearje kinne allinne troch Junius syn ôfskrift. Op dit stuit is it nijsgjirrich om nei de ôfskriuwpraktiken fan Simon Abbes Gabbema te sjen, want dy hat ek ien tekst út Unia kopiearre. It ferlykjen fan dy twa ôfskriften smyt relevante ynsichten op.

---

boom, 270–272; Van der Werf, 'Franciscus Junius' scribal practice'.

22. Ms. Junius 49 fol. 1-2a.
23. F Ir47 en IIr15; Sjölin, *Die 'Fivelgoer' Handschrift I*, 234 en 236; Ms. Junius 49 fol. 1b.

3.3 Simon Abbes Gabbema: cartularium fan Klaarkamp, Jus en Unia

De lânshistoarjeskriuwer Simon Abbes Gabbema hat lykas syn foargongers aktyf materiaal sammele om safolle mooglik boarnen foar de skiednis fan Fryslân by elkoar te swyljen. De samling dy't Gabbema oanlein hat is fan belang, omdat dy ien fan de wichtichste boarnen west hat foar it *Groot Placaat- en Charterboek van Vriesland*.[24]

It wichtichst yn dit ferbân is dat Gabbema yn de 17e ieu de besitter wie fan de hânskriften Jus en Unia (Junius tsjutte Unia oan mei *Codex Gabbemae in quarto*). Dat blykt ûnder oaren út it feit dat er it Aldfryske *Boeteregister fan Ljouwerteradiel* útjout yn 1681 neffens dy twa hânskriften. Dêrmei hawwe wy dus foar ien tekst fan Unia twa ôfskriften: dy fan Junius en dy fan Gabbema. Wy kinne dy twa mei elkoar ferlykje, mar ek Gabbema syn ôfskrift fan Jus, dêr't it orizjineel noch wol fan bewarre bleaun is. Sa kinne wy dus goed hifkje hoe krekt oft Gabbema wie.

A priori kinne wy oars Pieter Gerbenzon oan it wurd litte, dy't yn 1973 in cartularium fan it kleaster Klaarkamp ûntduts yn de samling ôfskriften fan Gabbema.[25] It foel him nammentlik op dat de teksten fan inkelde oarkonden dy't yn Gabbema syn twadde *copiarium* – hânskriften fan Gabbema dêr't er âlde teksten yn ôfskreau – te finen binne, net lykop rinne mei de orizjinelen dy't der no noch fan binne, wylst dat foar oaren wol it gefal is. Gerbenzon kaam ta de konklúzje dat Gabbema tagong hie ta fariante ferzjes fan dy oarkonden en dat dy stien hawwe yn in cartularium fan it kleaster Klaarkamp dat Gabbema foar him hân hat. Of om it mei Gerbenzon sels te sizzen: 'It is net oan to nimmen, dat Gabbema hjir op eigen manneboet de tekst sa swier (en dan wer yn sok goed Aldfrysk!) foroare hat.'

Gerbenzon liet oan de hân fan de folsleine teksten fan twa oarkonden sjen wat de ferskillen binne tusken in oarkonde dêr't Gabbema itselde eksimplaar fan ôfskreaun hat as datjinge dat no noch oerlevere is, en in oarkonde dêr't no in oar orizjineel fan oerlevere is as dy't yn it cartularium opnommen is. Wy jouwe fan dy twa oarkonden in pear sitaten, omdat dêr hiel moai út bliken docht wat de ferskillen tusken dy twa typen oerlevering binne.

A: OFO I,42 (orizjineel, 18 juny 1425)
Ik Vffa tho Heerwey. greethmo*n*. In Donchghe*r*adeel. Iylth Poltzma. mede ruchte*r*. dwaeth. kueth. En*de* uppe*n* beer. mith dis Epe*n*na brewe. th*et* the*r* kom. In vys rucht.

24. Eekhoff, 'Geschied- en Letterkundige Nalatenschap van Simon Abbes Gabbema'; Eekhoff, 'Geschiedenis van de zamenstelling en uitgave van het Groot Plakkaat- en Charterboek van Friesland'.
25. Gerbenzon, 'De Klearkampster stikken yn it twadde *Copiarium* fan Gabbema'.

Ener ha*n*da claghe. als twyska Renyk tho Reyssym. En*de* tha kelle*re*n tho Furswe*r*t. vm. iiij. pu*n*dameta meed landis. Aldeer lydzen sijnth In Burndwerde*r*a ha*m*merk. deer Renyk on spreek. fon scylgha Dowa weghena En*de* syn seth al deer vp baed.

A: Gabbema (kopy)
Ik Vffa tho Heer-wey Greethmon in Donchgheradeel, Jylch Poltzma mede Riuchter dwaeth kueth, ende uppenbeer, mith dis epena brewe. thet ther kom. in uys rucht. ener handa claghe twyska Renyk tho Reyssim. ende tha Kelleren tho Furswert, um IV. pundameta meed landis, aldeer lydzen synth in Buradwerdera hammerk. deer Renyk on spreeck. fon scylgha Dowa weghena. Ende sijn seth al deer up baed.

B: OFO I,26 (orizjineel, 28 jann. 1418)
Ic Dowa Doyngha gretmon i*n* Dontma dele dwet kanlijc en vppenbere alle tha jenim deer dith bref siaeth iefta herath lessen dat in vs riucht is kommen ber Gossa fon Cleercomp en*de* hath vp bethen aen waerf then ora en*de* then thredda fyower pu*n*dameta londis bytha aestria igge fon Boyngmare fon Syrdsma guthe ta Berdauwerth en*de* tha foers. bothe nie*m*ma vr spretsin haeth ner wer set so dwe ik by rethe myra may riuchtera ber Gossa fors. ferdbon vp thit foers. lond en by fellit alla liothim by achtich pu*n*dim thet him ny*m*ma neen wield jef vn riucht oen dwe

B: Gabbema (ôfskrift út Cartularium Klaarkamp)
Ic Dowa Doynga Gretman in Dantmadeel duaeth kanlyc and epenbeer alla da jenyn dirt siath jefta herath lessen, dat in us riucht is kemen brodir Gossa fan Clercamp, ende hat op beden, an werf, den oren, den tredda IV. Pundmeta landis bider aestra igge fen Boingmare fen Zijrdma guede to Berdawert, Ende da fors. borge nemman urspritzen hath ner urseid, so due ic bi rede myra mede riuchteren bror Gossa fors. ferdban op dit vors. land, anda bifellath alla liudum bi achtich pundum, dat hem nen mon, wyeld, ner unriucht on due

De ferskillen tusken sitewaasjes A en B binne helder. Yn it earste gefal is dúdlik te sjen dat Gabbema fan itselde orizjineel kopiearre hat. Yn sitewaasje B is dat sljochtwei net oan 'e oarder. De fraach is fansels hoe en wannear't dy ferskillende ferzjes fan ien orizjineel ûntstien binne. In goed foarstelber senario is dat by it oanlizzen fan it cartularium fan Klaarkamp ien muonts in oarkonde foarlies, wylst de oare de tekst opskreau.[26] Dat soe dan ferklearje dat de twa teksten kwa bewurding folslein lykop rinne, mar yn stavering en dialektyske kleuring bot ferskille.[27]

Twads is it nijsgjirrich en sjoch nei Gabbema syn ôfskrift fan it *Boeteregister fan Ljouwerteradiel* (BLw), dat ôfprinte is yn it twadde diel fan de troch Gabbema fersoarge werútjefte fan Gysbert Japicx syn *Friesche Rymlerye* út 1681. Dat boeteregister is oerlevere yn twa Aldfryske hân-

26. Der binne mear Aldfryske oarkonden dêr't mear as ien eksimplaar fan bekend is. Sjoch bgl. Sipma, *Oudfriese oorkonden II*, nrs. 34 en 35.
27. It hiele cartularium soe ris op dy wize besjoen wurde moatte: faaks is it dan ek noch mooglik om it (foarsichtich) te datearjen.

skriften, Jus en Unia. It heart ta groep A (Eastergoa) fan de Westerlauwerske boeteregisters, dêr't noch twa boeteregisters ûnder falle.[28] Gabbema wie yn it besit fan beide hânskriften, Jus en Unia.

Unia is lykas sein nei syn dea ferdwûn en wy hawwe dus allinne it ôfskrift fan Franciscus Junius – en dus foar dizze iene tekst ek dat fan Gabbema sels – ta ús foldwaan. Mar it hânskrift Jus makket nei omswervingen tsjintwurdich diel út fan de kolleksje fan Tresoar, dat wy kinne Gabbema foar dy tekst kontrolearje.[29] Foar de oare tekst, de ferzje út Unia, is it tige nijsgjirrich om beide ôfskriften – dy fan Gabbema en dy fan Junius – mei elkoar te ferlykjen.

In kollaasje fan it ôfskrift fan it *Boeteregister fan Ljouwerteradiel* dat Gabbema makke en ôfprinte hat mei it orizjineel, Jus, smyt in pear saken op. Yn it foarste plak hat Gabbema inkelde flaters fan Jus oernommen, sadat de identifikaasje fan it foarbyldhânskrift folslein wis wurdt. Yn §33 hat Jus <vvalo> ynstee fan *wald* 'geweld'. Gabbema nimt dy flater oer as <walo>.[30] Yn §131 hat Gabbema it korrupte <Ere scredene> fan Jus letterlik oernommen. It giet hjir om in ferskriuwing fan *breskredene* 'it trochsnijen fan de wynbrau'. As lêste foarbyld tsjinnet in hiel sindiel dat korrumpearre is yn Jus. Dêr stiet yn §148 te lêzen <wta cote geyga*n*na hande> ynstee fan it krekte *wta tothe geyth anna haude*. Gabbema nimt dat oer as <wbe cote geyganna hande> en makket der dus noch in flater by.

It feit dat Gabbema in 17e-ieuske ynterpretator wie dy't it Frysk en it Nederlânsk yn 'e macht hie, skimeret sa no en dan ek troch. Yn §62 bygelyks skriuwt er <fiouwer> ynstee fan <fior> by Jus. Yn §165 hat Jus <ofbarneth>, mar Gabbema skriuwt hjir <of branth>. En yn §169 liket it der

28. Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 85, 491–497.
29. Jus is nei Gabbema syn dea mei de rest fan syn neilittenskip yn it Gabbema Gasthûs bedarre. Yn de 18e ieu is troch Schwartzenberg en syn ploech bot gebrûk makke fan dizze samling foar it gearstallen fan it *Groot Placaat- en Charterboek van Vriesland*. Yn dy tiid hat Adrianus Heringa (1721-1779) Jus út dy kolleksje liend omdat er it útjaan woe. Dat is der noait fan kommen, mar it hânskrift dûkt dêrnei nei syn dea op op de feiling fan syn boeke- en hânskriftekolleksje en wurdt dan kocht troch Petrus Wierdsma (1729–1811). By de feiling fan dy syn kolleksje yn 1858 wurdt Jus kocht troch Karl von Richthofen. De Von Richthofenkolleksje is hjoed de dei ien fan de pronkstikken fan Tresoar. Dizze kolleksje fan seis Aldfryske en fjouwer Nederdútske rjochtshânskriften is yn 1922 oankocht foar de foargonger fan Tresoar, de Provinsjale Biblioteek fan Fryslân. Sjoch oer it oantúgjen fan de Von Richthofenkolleksje: Bremmer, *Hir is eskriven*, 144–145.
30. By dizze ferliking is de paragraafnûmering fan Buma en Ebel har edysje fan Jus oanholden. Sjoch Buma en Ebel, *Westerlauwerssches Recht I*, 532–563.

op dat Gabbema it <biscred> fan Jus krekt net hielendal begriep – it giet hjir (neffens Buma) om in ferbûging (en ferskriuwing: lês *biscerd*) fan *biskera* ‘ôfskeare’.[31] Gabbema hat der yn alle gefallen <bisered> ‘ferwûnet’ fan makke, wat ynspirearre liket te wêzen troch it Nijfryske *beseare* of it Nederlânske *bezeren*.

Normalisaasjes en it oars oplossen fan ôfkoartings as tsjintwurdich dien wurdt, binne der by de rûs by Gabbema. Troch it karakter fan dizze tekst binne benammen de oplossings fan de muntsoarten en -oantallen heechfrekwint. De *engelska*, de Ingelske peinje, wurdt yn Jus hast altyd skreaun as *eng* of *engh* mei in ôfkoartingsteken. Dat wurdt troch de moderne editeurs Buma en Ebel oplost as *enghelscha*, mar troch Gabbema as *engels*. Dat jildt *mutatis mutandis* ek foar de *skilling* ‘skelling’ en de *panning* ‘peinje’, dy’t troch Gabbema oars útskreaun wurde as troch Buma en Ebel.

Ek mei de getallen springt Gabbema lichtfeardich om. Yn §58 bygelyks hat Jus <fyf>, dat troch Gabbema as <v> skreaun wurdt, en yn §128 bart itselde: Jus hat <acht ende thritich> en dat wurdt troch Gabbema as <xxxviii> skreaun. Mar oarsom komt ek foar. Yn §108 hat Jus <xv pond> en dêr skriuwt Gabbema <vyfteen pund> (wat oars korrekt Aldfrysk is).

De slimste flaters dy’t Gabbema makke hat, binne te finen yn §19, 20, 21, 50, 80, 91, 93, 108. Hjir hat er hiele sindielen oerslein of ferhaspele. Hielendal oerslein hat er de koarte §164. Ien oar foarbyld folstiet hjir. Yn §50 komt it wurd *lithwei* twa kear foar:

> ¶ Thet lith wey itta middelste knoclum thi ben breke and hlith wey xij pa*nn*i*ngen* and thria ensa fior eng*helscha* and fior clena[32]

Yn Jus rint dizze bepaling fan rigele 12 oant en mei rigele 15 fan fol. 161r. Dêrby’t stiet *lithwei* de earste kear hielendal oan ’e ein fan rigele 12 en de twadde kear as earste wurd fan rigele 14. Gabbema hat dus krekt rigele 13 oerslein en komt dan ta dizze lêzing, dy’t op it earste gesicht net raar liket: <Thet hlitwey XII panninga. and thria enza. fior engels. and fior clena>. Dit type ‘Augensprünge’ komt noch in pear kear foar. It lit yn guon gefallen nochris sjen dat Gabbema echt Jus op syn skriuwtafel hân hat.

Binne yn Gabbema syn transkripsje ek printflaters oan te wizen? Dat is hiel dreech, mar yn ’e beneaming komme gefallen yn: §19, 59, 61, 103, 109, 157, 170. Ek hjir wurde mar in pear foarbylden jûn. Yn de gearhingjende

31. It is oars de fraach oft wy hjir net te krijen hawwe mei in fierders net attestearre tiidwurd *biskreda* ‘besnije’. Sjoch Hofmann en Popkema, *Altfriesisches Handwörterbuch*, 444 (s.v. *skred*, *-skrede*, *skreden(e)*, *skreder(e)*).
32. Sjoch Boersma, ‘The *Compensation Tariff of Leeuwarderadeel*’, 61.

paragrafen §19, 20 en 21 hat Gabbema him aardich fersind. Mar dêrboppe falt yn §19 ynstee fan *ethum* no <& hum> te lêzen, wat dochs wol hiel bot op in printflater liket, dêr't de printer dus *et* as <&> set hat. Ek nuver is dat by Gabbema yn §59 en §61 <illa> ynstee fan *itta* stiet, wylst dy foarm ferskillende kearen foarkomt en dan wol goed ôfskreaun wurdt. Hjir liket hast ek sprake te wêzen fan in printflater. Omdat der gjin inkelde logika achter sit, lykje ek <ihine> foar *thine* (§103), <neghne> foar *aeghne* (§109) en <scillieg> foar *scilling* (§170) op printflaters. Alhoewol't it behyplik bliuwt om tusken de ôfskriuwflaters ek noch printflaters te identifisearjen, moatte wy der wol wach op wêze dat dy foarkomme en sadwaande noch in ekstra filter betsjutte tusken it Aldfryske hânskrift en ús. Gelokkich hawwe wy tsjintwurdich Jus noch en kinne wy it orizjinele Aldfryske hânskrift kontrolearje. By fierder ûndersyk soene de ôfskriften fan Gabbema yn hânskrift ferlike wurde kinne mei deselden dy't ôfprinte binne. Faaks dat printflaters dan systematysker oanwiisd wurde kinne.

Oars as by Jus is yn it gefal fan Unia it orizjineel wol ferlern gongen en allinne foar it *Boeteregister fan Ljouwerteradiel* beskikke wy oer twa ôfskriften, ien fan Franciscus Junius en ien fan Simon Gabbema. Alhoewol't in ferliking fan beide ôfskriften eins bûten it ramt fan dit ûndersyk falt – mar wol tige fan belang is foar de rekonstruksje fan Unia – wolle wy der hjir dochs koart op yngean. Alhoewol't it nammentlik dúdlik is dat Junius in folle bettere ôfskriuwer is as Gabbema, helpt de tekst fan Gabbema krekt om in pear flaters fan Junius op it spoar te kommen.[33] De grutste ferrassing is wol dat Junius in folsleine paragraaf oerslein hat. It giet om de wjergader fan §36 yn Jus, oer it trochstekken fan immens ear. Tanksij it ôfskrift fan Gabbema witte wy no dat dy paragraaf net miste yn Unia.

3.4 Christianus Schotanus: Druk

Christianus Schotanus naam yn syn *Beschryvinge van de heerlyckheydt van Frieslandt tusschen 't Flie end de Lauwers* fan 1664 de ynkunabel Druk folslein op en dêrmei in hiel grut part fan de wichtichste Ald(west)fryske rjochtsboarnen. In stekproef lit sjen dat Schotanus Druk hiel kreas útjûn hat.[34] Hy normalisearret hiel bot (*u / v*; *i / j*, ensfh.). Mar Schotanus febetteret ek printflaters yn Druk, bgl. <riuccht> en <riuct> ta *riucht*, wat

33. Sjoch de krityske edysje fan Junius syn ôfskrift yn: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 539–542. De ferwizings nei de paragraafnûmers binne dêr te finen.
34. De stekproef bestiet út de earste seis siden fan Druk en it begjin fan de *Bireknade Bota* plus de paragrafen dy't Siccama ek oanhellet. Schotanus, *Beschryvinge*, 36–39; 86–88, 90.

sjen lit dat er de tekst goed lêzen en begrepen hat. De kwaliteit fan Schotanus syn edysje is folle heger as Gabbema syn edysje fan it *Boeteregister fan Ljouwerteradiel*. Dizze teksten binne ommers goed te ferlykjen, omdat beide printe binne en printflaters dus meinommen binne.

No't dizze trije humanisten ûnder de loep nommen binne is it tiid foar in gearfetting. Alle trije normalisearje yn harren ôfskriften. Ek losse se ôfkoartings op sûnder dat se dat oanjouwe. It patroan is fierders dat der hieltyd ien op ien teksten ôfskreaun binne. As it ôfskrift net lykop rint mei wat no oansjoen wurdt foar it orizjineel, is der wat te rêden, lykas Gerbenzon sjen liet foar it cartularium fan Klaarkamp, dat Gabbema ôfskreaun hat. Fan de trije gelearden is de kwaliteit fan Junius en Schotanus har wurk heech, wylst Gabbema in hiel stik rûger is.

4. Ynhâldlike analyze fan de Aldfryske sitaten yn Siccama

4.1 It boeteregister Bireknade Bota

Fan 'e 39 Aldfryske sitaten dy't Siccama jout, geane 11 (28%) werom op it boeteregister *Bireknade Bota*. Lykas al sein, spruts Meinte Oosterhout yn 1970 noch yn algemiene termen oer sitaten út 'Westerlauwerske boeteregisters'. Dat er se net neier te plak bringe koe, strykt mei de stân fan it ûndersyk yn dy tiid. Sûnt in pear jier is lykwols dúdlik wurden hoe't de tekstuele ferhâldings tusken de ûnderskate Westerlauwerske boeteregisters binne. Der binne nammentlik fjouwer tekstgroepen te ûnderskieden (A, B, C, D), dy't werom geane op de âlde bestjoerlike yndieling fan Westerlauwersk Fryslân út de 13e ieu: Eastergoa (A) plus de trije âlde dielen fan Westergoa, Wymbritseradiel (B), Ald Frjentsjerteradiel (C) en Wûnseradiel (D).[35]

De boeteregisters dy't yn de let 15e-ieuske hânskriften oerlevere binne, geane dus werom op de âlde boeteregisters fan dy dielen. Allegear hawwe se lykwols in ûntjouwing trochmakke. Se binne oanfolle mei ekstra materiaal en binne op 'e nij strukturearre. Se hawwe gauris ek oare nammen mei soms oare regionale oantsjuttings krigen, in wjerspegeling fan it feit dat de bestjoerlike ienheden yn Fryslân hieltyd lytser waarden. Der is bygelyks in *Boeteregister fan de Hemmen* oerlevere, mar de tekst heart dus yn de tradysje fan it âlde boeteregister fan Wymbritseradiel.

It meast feroare binne wol de twa boeteregisters yn groep C – dus fan Ald Frjentsjerteradiel. Dat binne it *Boeteregister fan Wûnseradiel en de Fiif Dielen*, te finen yn Jus, en de *Bireknade Bota*, oerlevere yn Druk. It earste

35. Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 84–92.

fan dy twa telt 309 bepalings en is dêrmei it langste Westerlauwerske boeteregister. De boeteregisters út de oare groepen hawwe tusken de 100 en 170 bepalings. De *Bireknade Bota* is mei 264 bepalings koarter as it *Boeteregister fan Wûnseradiel en de Fiif Dielen*, mar is kwa struktuer neffens syn 'neef' nochris in kear oanpakt. Dêrmei wie dit boeteregister de gaadlikste kandidaat om opnommen te wurden yn Druk, dat (nei alle gedachten) as doel hie om rom ferspraat te wurden yn Westerlauwersk Fryslân. It wie goed strukturearre en befette eins alle Westerlauwerske boetebepalings (yn alle gefallen de wichtichste). De gearstallers fan Druk hawwe dus in goede kar makke.

Foar de analyze fan Kodeks Siccama is it wichtich dat mar ien redaksje fan de *Bireknade Bota* oerlevere is. As nammentlik de sitaten dy't Siccama jout signifikant ôfwike fan de redaksje dy't wy kenne út Druk, dan is dat in sterk argumint foar de hypoteze dat Siccama in oar Aldfrysk hânskrift ta syn foldwaan hie. Dêrom wolle wy alle sitaten út de *Bireknade Bota* hjir bylâns gean. Wy jouwe hieltyd de sitaten, mei ferbettere lêzings yn noaten, fuortdaalk folge troch de parallelle tekst yn Druk. Om in suvere ferliking meitsje te kinnen printsje wy Druk diplomatysk ôf.[36] Ek heakje wy de edysje fan Schotanus oan de sitaten ta, om sjen te litten hoe't in 17e-ieuske edysje fan dizze sitaten út Druk der út seach en om de ferskillen tusken Siccama en Druk better hifkje te kinnen.

Sitaat 16 [Siccama, s. 128]
Ius Frisicum Tit. ban[l] Birekena Bota id est, de calculatione mulctarum cap. de Capite.
Weerso een man dolghet wirt in zijn haud iefta oen zijn haud David he*m* zijn haud der fan so is dio bota achthiende hael pond.
[l] van

Druk (D XIV,52)
Hueerso en ma*n* dulg*et* w*ir*t i*n* syn haed ief oen syn haud dawid hi*m* syn haud al deer fa*n* so is dio bote achteenstehael pond.[37]

Schotanus (s. 87)
Hveerso en man dulget wert in syn haed / jef oen syn haud / dawid him syn haud aldeer fan / so is dio bote achteenstehael pond

Yn dit earste sitaat wurdt fuort al sein om hokker boeteregister oft it giet: <Birekena Bota>, dat dus yn de boarne stie dy't troch Siccama as *Jus Frisicum* oantsjutten wurdt. Siccama ferklearret de titel *Bireknade Bota* noch yn it Latyn: *id est de calculatione mulctarum* 'dat is oer de berekkening fan

36. Boppedat binne alle 9 oerlevere eksimplaren fan Druk mei elkoar ferlike. Dy binne wat dizze passaazjes oanbelanget allegear gelyk oan mekoar.
37. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 557.

boetes'. Wat dêrnei folget – *cap. de Capite* – ferwiist nei it kopke dat in eintsje earder yn de tekst fan de *Bireknade Bota* te finen is en dat yn Druk boppe bepaling 49 stiet: *Ergens in da haed* 'ferlammingsferskynsels yn 'e holle'. De troch Siccama oanhelle bepaling foel dus yndie ûnder it haadstik dat oer de holle giet.

Wy hawwe dus yn Siccama wier mei de *Bireknade Bota* te krijen, mar in ferliking fan de twa teksten smyt allegear lytsere en gruttere ôfwikings op. Yn dit sitaat is de grutste wol hoe't it boetebedrach skreaun is: <achthiende hael pond> yn Siccama versus <achteenstehael pond> yn Druk.

Sitaat 17 [Siccama, s. 128]
Durlegi lege duustsleke. Tit. de mulctis in principio.
Dusinga is dat een menscha slain se also seer dattet hem itta ara David en[I] duset so is dia[II] bota xvi graet.
[I] ende; [II] dio

Druk (D XIV, 6)
Dauid dusniga is dat een me*n*scha slain se also seer dattet hi*m* itta ara dauid ende duset so is dio bote xvi. graet. Eenbeet.[38]

Schotanus (s. 86)
David dusniga: is dat een menscha slain se also seer dattet him itta ara david ende duset so is dio bote xvj. graet / eenbeet.

Ek hjir kloppet de meta-ynformaasje dy't Siccama jout wer: *Tit. de mulctis in principio* 'yn de tekst oer de boetes yn it begjin'. It giet hjir om bepaling 6, wat yndie oan it begjin fan de tekst is. Fierders falt op dat Siccama it hat oer *dusinga*, wylst Druk (en alle oare boeteregisters yn dit type bepaling) it oer *daviddusinga* hat. Yn Druk is boppedat de printflater <dusniga> makke, dy't Schotanus oernommen hat. It is ûnwierskynlik dat Siccama op eigen manneboet it korrupte <Dauid dusniga> út Druk feroare hat yn it korrekte <Dusinga>, hielendal sjoen de ûntrochsichtige etymology fan it wurd: benammen by drege Aldfryske wurden sjogge we dat de humanisten gauris op 'e doele reitsje.

As lêste kin hjir noch opmurken wurde dat yn Siccama de tafoeging *eenbeet* 'ienfâldige kompensaasje' mist. Alhoewol't it sa wêze kin dat dit wurd noch wol yn Siccama syn foarbyld stie mar dat er it net mear opnommen hat, is it opfallend dat krekt dizze jongere laach fan tafoegings yn de *Bireknade Bota* yn de Siccama-redaksje ûntbrekke kinne soe.[39] As we

38. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 555.
39. Nijdam, 'Het Oudwestfriese boeteregister *Bireknade Bota* (deel 1)'.

hjir yndie mei in fariante redaksje fan de *Bireknade Bota* te krijen hawwe, dan soene yn dizze redaksje dy jongere tafoegings misse kinne.

Sitaat 18 [Siccama, s. 128]
Jef dat ara al af slain is jefta korven dio bota is iv. schellinghen
Tit. de mulctis cap. de auribus.

Druk (D XIV,99)
Jef dat are al of is slain. iefta kore*n* dio bote .iiii. schille*n*gh*e*n en*de* bida sida viii. po*n*d en*de* xiiii ei*n*sa[40]

Schotanus (s. 88)
Jef dat are al ofslain is / jefta koren / dio bote .iiij. schillenghen ende bida sida viij pond ende xiiij einsa

De grutste ferskillen tusken Siccama en Druk binne <korven> versus <koren> en <iv> versus <iiii> en de wurdfolchoarder (<slain is> vs. <is slain>). Aldfrysk *kerva* 'kerve, snije' hat yndie in njonkenfoarm *kera*, mei as mulwurden respektyflik *korven* en *koren*. Op 'e nij is it ûnwierskynlik dat Siccama selsstannich <koren> yn Druk yn <korven> feroare hat.

Fierders liket der op 'e nij in jongere tafoeging te ûntbrekken yn Siccama: de passaazje dy't begjint mei *ende bi da sida* ... 'en neffens de gewoante ...'. Dy tafoeging, dy't yn ferskate Westerlauwerske boeteregisters te finen is, ferwiist nei in fierder net oerlevere wilker, dy't letter ferwurke is yn de boeteregisters.[41]

Sitaat 19 [Siccama, s. 129]
Iure Frisico tit. de poenis seu mulctis Weerbreuc appellatur, id est, labri ruptura, à Wera, quod labrum nobis significat, quod dentes custodiat, & defendat:
Also fijr so dio wera tilse van da toskena so aegh hy enes inreed in zijne mond ende een weerbreka ende een vlitwimelsa so is dera elckerlijck xvi. graet.

Sitaat 20 [Siccama, s. 136]
cap. de Weerbreeck:
Alse fijr dia wera tild se vanda toscka so aegh hy enes inreed in zijne mond en[I] ain[II] weerbrekis en[I] ain[II] vlitwimelsa so is dera elckerlijck xvi. graet
[I] ende; [II] een

Druk (D XIV,73)
[V]verbreeck. also fyr so dio were til se fa*n*da tossche*m* so aegh hi enis inreed in sine mo*n*d en*de* een weerbrekis en*de* een wlytwimelsa. so is dera elkerlyc xvi graet[42]

Schotanus (s. 88)
Werbreeck: also fyr / so dio were til se fanda tosschen / so aegh hi enis inreed in sine

40. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 559.
41. Nijdam, 'Old West Frisian *bī thā sida*'.
42. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 558.

mond ende een weerbrekes ende een wlyt-wimelsa: so is dera elkerlyc xvi graet

It nijsgjirrige fan dizze twa sitaten is dat Siccama twa kear deselde passaazje ôfskreaun hat en dat wy him dus by wize fan sprekken kontrolearje kinne op syn krektens – as er alteast twa kear fan deselde boarne ôfskreaun hat, wêr't wy hjir al fan útgeane. Spitigernôch falt dêr wol it ien en oar op ôf te tingjen. It giet benammen mis yn it earste stikje tekst:

19) <Also fijr so dio wera tilse van da toskena>
20) <Alse fijr dia wera tild se vanda toscka>
Dr) <also fyr so dio were til se fa*n*da tossche*m*>

Foar de earste fiif wurden wie Siccama yn sitaat 20 sloarderich: sitaat 19 jout hjir dúdlik de bêste lêzing. Foar de wurden *tild se* hat Siccama ien kear it korrekte <tild se> en ien kear it korrupte <til se>, wat Druk ek hat. It giet nammentlik om de lippe (*were*) dy't troch in ferwûning 'optild' is fan de tosken. Yn it wurd 'tosken' hat yn Siccama syn foarbyld, lykas yn Druk, oan 'e ein faaks in ôfkoartingsteken stien, dat yn sitaat 20 net oplost is troch Siccama. Yn alle gefallen jout Druk hjir de korrekte lêzing: de datyf meartal *toskem*.

Yn it ferfolch fan it sitaat giet it twa kear mis trochdat *ende een* ôfprinte is as <en ain>. Dit betsjut dus dat de ôfkoarting yn <en*de*> (sjoch Druk) net oplost is en dat *ee* printe is as <ai>. De oarsprong dêrfan kin by Siccama lizze, mar ek by de printer, dy't it manuskript fan Siccama – it hânskrift dus dat hy ynlevere by de printer om ôfprinte te wurden – op dy punten net goed lêzen hat. De ferskriuwing <en> foar *ende* komt ferskate kearen foar yn de 39 sitaten. De stavering <ain> foar *een* komt trije kear foar, hieltyd yn de *Bireknade Bota*, en it is mooglik dat it hjir om in autentike stavering yn it hânskrift giet. De foarm *ein* is attestearre foar it Westerlauwersk Aldfrysk en Jus hat sels in inkelde kear <ayne>: dan soe *ain* de skriuwwize wêze fan de fariant *ān* 'ien'.[43]

Sitaat 21 [Siccama, s. 129]
Iure Frisico tit. de poenis cap. de collo.
Weerso een man in dio strotbolla dolget wirt en[I] wirt hem dio spreka da fiarndeel ara so aegh hy fijouwer pond, wirt dio da helfta ara sex pond. sint da twira delen a wey tiaen pond allenlijc oen to bringhen mey een sonderling etha
[I] ende

Druk (D XIV, 104-105)
[E]ergens dera spreckr

43. Buma, *Vollständiges Wörterbuch*, 19 (s.v. an 1); Hofmann en Popkema, *Altfriesisches Handwörterbuch*, 118 (s.v. en 2).

Hueer so een man in dine strotbolla dulghet wirt. ende wirt hi*m* dio spreecke dae fiaerndeel ara. so aegh hi fiower pond wirt hio da helfte ara. sex po*n*d. Si*n*t da tueer delen a wei tien po*n*d allerlyc oen to bri*n*ghen mit een so*n*derlinga eed[44]

Schotanus (s. 88)
Hueerso een man in dine strotbolla dulghet wirt / ende wirt him dio spreecke dae fiaerndeel ara / so aegh hi fiower pond. Wirt hio da helfte ara / sex pond. Sint da tueer delen a wei tien pond allerlyc oen to bringhen mit een sonderlinga eed.

De ôfwikings yn dit sitaat binne lyts, mar konsistint en grut yn tal. Aldfrysk *mith* wurdt bygelyks by Siccama hjir as <mey> skreaun, wylst dat yn Druk yn de *Bireknade Bota* meastentiids <mit> is.[45]

Sitaat 22 [Siccama, s. 131]
Iure Frisico Tit. de poenis.
Warso en oderen sina Tilinga benempt dio bota is vijf merck

Druk (D XIV,213)
[F]Anda pint.
huaso oder*em* syn till*in*ga binimt dio bote ia v½ merc.[46]

Schotanus (s. 90)
Huaso oderem syn tillinga binimt / dio bote is v. merc.

Yn dit lytse sitaat is benammen <benempt> yn Siccama versus <binimt> yn Druk nijsgjirrich. Yn Siccama is fierders it boetebedrach útskreaun en yn Druk mei in Latynsk sifer werjûn (en mei in nuver teken dat hjir as ½ werjûn is). Schotanus hat <ia> yn Druk korrekt ferbettere yn <is> en hat it nuvere teken dat yn Druk brûkt wurdt foar ½ net oernommen.

Sitaat 23 [Siccama, s. 131]
in jure nostro. Tit. de poenis cap. de Capite.
Tre beenbrecken schilma beta inda breyn danna[I] mey xxxii. graet dio lettera benis wtgongh mey xvi. graet dio tredda benis wtgongh mey viii. graet. So schil hy swarra met ena eda datmet mochte hera clippa in een lewijn jef het voel van zijne kne vur negen stappen jelckers thormat naet beta
[I] breyn panna

Druk (D XIV,40-45)
(40) Tre beenbrecke*n* schilma beta i*n*der brein panna. en*de* naet meer. (41) Dis elkerlyck schilma beta mei fiow*er* schillingen. (42) Dio screden oenda haud is fyf schillingen to bote mey hit meer halda so een meta. (43) Dis forma benis wtgongh dera brein panna xxxii graet. (44) Dis lettera benis wtgo*n*g xvi graet. (45) Dis tredda benis wtgongh viii graet Somlike bota willet dat dis forma benis wtgo*n*gh se fiouwer schillinghen. dis lettera tueen schillinge*n*. dis tredda een schillingh. So schil hyt suara mit ene ede datmet

44. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 559.
45. Sjoch oer *mei* en *mith* ek hjirûnder, §6.
46. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 563.

mochte hera clippa in een lewyn. ief hit foel fan sine kne wr ix. stape*n* ielkirs thoermet naet beta[47]

Schotanus (s. 87)
Tre beenbrecken schilma beta inder brein-panna / ende naet meer / dis elkerlyck schilma beta mei fiower schillingen. Dio screden oenda haud is fyf schillingen to bote: mey hit meer halda / so een meta. Dis forma benis wtgongh dera brein-panna xxxii. graet. Dis lettera benis wtgong xvj. graet. Dis tredda benis wtgongh viij. graet. Somlike bote willet / dat dis forma benis wtgongh / se fiouwer schillingen / dis lettera tueen schillingen / dis tredda een schillingh. So schil hyt suara mit ene ede / datmet mochte hera clippa in een lewyn / jef hit foel fan sine kne wr ix. stapen ielkirs thoermet naet beta.

Dit tekstsitaat smyt in tal nijsgjirrige ynsichten op, mar ek fragen. Der binne twa dingen oan de hân. Foarst mist yn Siccama in stik, nammentlik it sturtsje fan bepaling 40 yn Druk en bepalings 41, 42 en it earste stik fan 43. Siccama is dúdlik korrupt en dat liket gear te hingjen mei in ôfskriuwflater, dy't feroarsake is trochdat in ôfskriuwer fan *breinpanna* yn bepaling 40 oersprongen is nei datselde wurd yn bepaling 43 (*homoiotes*). Likegoed is dy flater wer wat rjochtbreide troch it wurd <mey> dat yn it sitaat fan Siccama nei <breyn danna> stiet. Dêrtroch rint de sin wer. It liket der mei oare wurden op dat net Siccama hjir in flater makke hat, mar dat er de tekst goed út syn – hjir korrupt – Aldfrysk hânskrift ôfskreaun hat. It kin dan sels sa wêze dat <danna> al yn it hânskrift stien hat en doe al opfette is as 'de iene, de earste' of sokssawat. Mar it hat gjin doel om dizze spekulaasje fierder troch te fieren, dat we hâlde hjir op en konkludearje dat der fan alles misgongen is yn dit stik fan it sitaat.

Twads mist der noch in sin yn Siccama neffens Druk: yn bepaling 45 deselde dy't begjint mei <Somlike bota willet> (ek wer sa'n typyske lettere tafoeging). Soe hjir mei sin in fersimpeling ta stân brocht wêze? Hoe dan ek, it is dreech foar te stellen dat de passaazje út Siccama streekrjocht op Druk weromgiet. Dit is ien fan de dúdlikste foarbylden dat Siccama in oar Aldfrysk hânskrift besiet.

Sitaat 24 [Siccama, s. 133]
Iure Frisico Tit. de poenis.
Jeft een man word worpen in een onwad wetter dat hy met aegenen mey siaen hor himel ner yrda ner dina grond reka mitta handen ner mitta voten so schilma hem beta met eenra lived wird tribeet jefta tot wasum[I] ontswarra.
[I] tolwasum

Druk (D XIV,23)
Jeft*er* een ma*n* vord vorpen in een o*n*uad vett*er* dat mit aghene*m* mei siae*n* hor himel

47. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 556.

ner eerda ner dine gro*n*d r*e*ka mitta ha*n*den ner mit fote*m* soe schilma him beta mit eenre lioed wirden. Trybeet ende oenbrins. iefta toluasu*m* o*n*tswara[48]

Schotanus (s. 86)
Jefter een man vord vorpen in een onvad vetter / dat mit aghenen mei siaen hor himel ner eerda / ner dine grond reka mitta handen ner mit foten / soe schilma him beta mit eenre lioed-wirden / trybeet ende oenbrins / jefta tolvasum ontswara.

Yn dit sitaat falle twa dingen benammen op. Yn it foarste plak hat Druk hjir in korrupte lêzing wylst Siccama in krekte lêzing hat. Yn Druk mist nammentlik *hi* 'hy' yn it stikje <dat mit aghene*m* mei siae*n* hor himel ner eerda>. Yn Siccama mist dan wer de jongere tafoeging <ende oenbrins>. By de eardere sitaten koe noch sein wurde dat dy tafoegings hieltyd oan de ein fan in passaazje stiene, sadat net út te meitsjen falt oft dy al yn it hânskrift stiene, mar dat Siccama der foar keazen hat om se net ôf te skriuwen. Hjir kin dat hast net it gefal wêze. Yn de redaksje fan de *Bireknade Bota* dy't Siccama foar him hie, moat dizze tafoeging wol mist hawwe.

Sitaat 25 [Siccama, s. 136]
I. Fris. Tit. de Bloedresene.
Bloedresene onder da andleta mei Wlita ain[I] pond
[I] een

Druk (D XIV,27)
Bloedrese*ne* ond*er* da andlete mit wlite .i po*n*d[49]

Schotanus (s. 86)
Bloedresene onder da andlete mit wlite .I. pond

Dit koarte sitaat falt hast neat oer op te merken. By Siccama is it boetebedrach útskreaun – dêrby is *een* wer ta <ain> korrumpearre, en Siccama hat de foarm <mei>, dêr't Druk <mit> hat (sjoch ek §6.1 hjirûnder).

As lêste jout Siccama op side 129 it losse wurd *Tzaackbreeck* (sitaat nr. 34). Alhoewol't it om in inkeld wurd giet en net om in wiidweidiger sitaat, blykt it wurd sa unyk dat it as spoarsiker tsjinje kin. It komt allinnich min ofte mear foar yn de *Bireknade Bota*. De oare Westerlauwerske boeteregisters hawwe it nammentlik altyd oer *benbreke on tha ziake* 'it brekken fan in bonke oan de kaak'. Allinnich yn groep C sjogge wy de ûntjouwing fan *benbreke on tha tziake* nei *tziakebrek* 'it brekken fan de kaak':

B5DW: *Twira tsczakena benbreke, thio bote is ayder fior scillingen.*[50]
BBr: *Tuira tzakena breeck, dio bote is iiii schillingen.*[51]

48. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 556.
49. Sjoch foar in krityske edysje: Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 556.
50. J XXVIII,71 (B5DW, groep C).

Sels de oerlevere ferzje fan *Bireknade Bota*, yn Druk, hat net de foarm <Tzaackbreeck> dy't Siccama syn foarbyld hie. Der binne twa mooglikheden. Of de parallelle ferzje fan paragraaf 69 yn Druk hie <Tzaackbreeck> stean wêr't yn Druk <tzakenabreeck> stiet, of – en dat achtsje wy wierskynliker – *Tzaackbreeck* wie in kopke boppe in paragraaf. Dêr hat *Bireknade Bota* in soad fan, as utering fan de strukturering en fernijing dy't dy tekst ûndergien hat.[52] De hapaks *tziakebrek* is neffens it *Altfriesisches Handwörterbuch* fierder yn it Aldfrysk net oerlevere.

Al mei al kinne wy de risseltaten fan dizze analyze fan de sitaten út de *Bireknade Bota* by Siccama beskôgje as stipe foar de hypoteze dat er út in oar hânskrift as Jus, Unia of Druk sitearre hat. It is dúdlik dat de sitaten út de boeteregisters yndie út de *Bireknade Bota* komme: alhoewol't de redaksjes fan Siccama en dy yn Druk fan mekoar ôfwike, binne de ynhâldlike oerienkomsten sa grut dat der gjin twivel oer bestean kin dat it om deselde tekst giet. Boppedat lit de meta-ynformaasje dy't Siccama sels jout, ek neat oan dúdlikheid te winskjen oer. Yn it earste sitaat dat er jout, seit er al dat de tekst <Birekena Bota> hjit (en ek hjir wer fine wy in lichte ôfwiking fan de teksttitel, dy't yn Druk *Bireknade Bota* is). Fierder doge alle ferwizings nei de posysje fan bepalingen ('yn it begjin' seit Siccama in kear mei rjocht) en fan kopkes. De ferliking mei Schotanus syn werjefte fan Druk lit fierders sjen dat de ôfstân tusken Siccama en Druk te grut is om oan te nimmen dat Siccama Druk brûkt hat. Dat wurdt noch dúdliker as wy nei in pear fan de oare sitaten sjogge.

Tabel 2

Sitaatnr.	Tekst	Jus	Unia	Druk
1	*17 Kêsten*	X		
3	*24 Lânrjochten*			X
4	*Wenden op de 17e Kêst*	X		
7	*Skakraf*	X		
8	*Westerlauwersk Syndrjocht*			X
9	*Ald Skeltarjocht*			X
10	*Ald Skeltarjocht*			X
11	*Ald Skeltarjocht*	X		
14	*17 Kêsten*			X
15	*Ald Skeltarjocht*			X

51. D XIV,69 (BBr, groep C). Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 558.
52. Nijdam, *Lichaam, eer en recht*, 513.

4.2 De klassike Aldwestfryske rjochtsteksten

Yn de earste 15 sitaten dy't Siccama jout en dy't Meinte Oosterhout analysearre hat, wurde ferskate fan de klassike Aldwestfryske rjochtsteksten oanhelle. It giet om sitaten út it *Ald Skeltarjocht*, de *17 Kêsten*, de *24 Lânrjochten*, de *Wenden op de 17e Kêst*, it *Westerlauwersk Syndrjocht en Skakraf* (sjoch ek tabel 1).

Yn tabel 2 is in oersjoch te finen fan de identifisearre teksten en de grutste oerienkomst fan de sitaten mei Jus, Unia of Druk. Sa't bliken docht, docht Unia yn dit ferhaal net mei: de sitaten yn Siccama lykje altyd it meast op dy yn Jus of Druk. Omdat Oosterhout dy sitaten al wiidweidich ûndersocht hat, wolle wy hjir mar seis sitaten ûnder de loep nimme. It giet om dy sitaten dy't dúdlik sjen litte dat Siccama net út Druk sitearret, want dat is nei it identifisearjen fan de *Bireknade Bota* en it bûtensluten fan de *Wilkerren fan Wymbritseradiel* en it *Syndrjocht fan Boalsert* it spoar dat wy folgje moatte. Earst komme sitaten út de *Wenden op de 17e Kêst* (nr. 4) en út *Skakraf* (nr. 7) oan bar, dêrnei fjouwer sitaten út it *Ald Skeltarjocht* (nrs. 9,10, 11, 15). Trije dêrfan komme it meast oerien mei de redaksje yn Druk en ien mear mei dy yn Jus.

Sitaat 4 [Siccama, s. 80]
warso in[I] man ores goed stelt inda. nara nivel tioestere nacht binna doren en[II] binna drompele in[II] dat met oen hem vint ende bekenne iefte oen siin selff handen so ne meyma der derde[III] my[IV] wyt ede bieda want dy bondena tiaeff ne mey schidigera[V] baria in[II] des iehtiga ne meyma naet bysecka.
[I] en; [II] ende; [III] deede; [IV] nin; [V] schildigera

Jus (J XI,5)
Dat fyfte is: Hweer so en man oers goed stelt in der naera niewiltioestra nacht binna dorum ende binna dromple ende dat met oen him fint ende bekenne iefta oen zijns seluis handen, so ne mey ma der deda nen witheed biada, hwant di bondena tiaef ne mei nen sceldigera baria ende dis iechtigha ne mey ma naet bisecka.

Druk
[D]At fyfta is. hweerso een man oderis gued stelt oender neyl tyuestera nacht binna dorem ende binna drompel endma oen him dat fynt oe*n* syn handen: an sine boesme. iefta an sine becke. so ne meyma dera dede nene wyt eed bieda hwant di bondena tyaef ne mei nene schieldigra baria. ende dis iechtiga ne mey ma naet bisecka.

Dit sitaat is dus ôfkomstich fan de tekst dy't giet oer útsûnderings op de 17e Kêst. Siccama syn sitaat liket it meast op de parallelle tekst yn Jus. De twa meast opfallende skaaimerken binne dizze. Foarst hawwe Siccama en Jus respektivelik <inda. nara nivel tioestere nacht> en <in der naera niewil-tioestra nacht> wylst Druk <oender neyl tyuestera nacht> hat. Twads hat

Druk in útwreiding oer wêr't it stellene guod by in dief op syn lichem fûn wurde kin, <oe*n* syn handen: an sine boesme. iefta an sine becke>, dy't mist yn Siccama en Jus.

Sitaat 7 [Siccama, s. 98, lês 97]
Etiam Schaecraef dicitur, in jure frisico tit. van Schaecraef.
Dit is en Schaecraef. Whaso farat ombiradis[I] mey onriuchter wald ti ena standara husa ende dir[II] binima tha lioeden hiara goed dir[II] hia schoulden dat lijff mey veda en[III] hiara sela van reda so bringt hy him salm inda schakera rauwa enda in hiarra riocht. Jeff hy dir[II] tho biradit wirht dat hy mitte fia beta schil so schil hijt twie schot beta ende da alder hagista freda twifald beta als da lioeda wilkaret habbat.
[I] onbiradis; [II] der; [III] ende

Jus (J XVI,1)
Djt is en schaekraef: Hwa soe faereth oenbiraedadis mit onriochter wald ti ene standane huse ende deer binimth dae lioedem hiara gued, deer hia sculden dat lijf mei feda ende der siele fan reda, so brinct hi him selue jn dera scakera rawe ende jn hiara riocht. Ief hit deertoe biraedith wirt, dat hi mitta fia beta schel, soe schel hijt al twiscette beta, als dae lioede wilkarath habbet. *Vel sic secundum aliquos*: Jef hi deertoe biradet wirt, dat hi mitta fia beta schel, soe is hit al twibete, deer hij deth, ende dyn allerhagista frede twifald beta, als dae lioede wilkarath habbeth.

Druk
[D]Jt is een schaeckraef. Huasoe faert o*n*birades mit onriuchter wald. to een standen hws end*e* deer bini*m*pt da liode*m* hiara gued. deer scholden hiara lyf aff feda. en*de* da seel fan reda. soe brincht hi him self in dera schakera riucht mitta raef. Jef hi deer to biti*n*ged w*ir*t dat hi mitta fia beta schil so schil hyt al tuibeet beta en*de* dine ferd tuifald alst da liued wilkared habbet

Dit sitaat smiet in soad problemen op foar Meinte Oosterhout. It is ien fan de sitaten dêr't er him it yngeandst by ôffrege oft Siccama net in eigen hânskrift hân hie. Hy wiisde dêrfoar benammen op de foarmen <standara> en <salm>, dy't Siccama as iennichste hat.[53] De foarm <salm> foar *self* is seldsum yn it Aldfrysk, mar is in pear kear yn oarkonden attestearre.[54] Fierder is de lêste sin (*Jeff hy der tho biradit wirth ...*) problematysk. Net ien fan de besteande redaksjes jout dizze lêzing. It is in kombinaasje fan it begjin fan de haadtekst fan Jus, mei de ein fan de lêzing dy't folget nei *Vel sic secundum aliquos*. As wy derfan útgeane dat Siccama in eigen hânskrift hie, dan lit dit sitaat mar wer ris sjen dat der in hiel grut ferskaat oan fariante lêzings yn omrin wie fan de besteande Aldwestfryske rjochtsteksten – dêrom ek nei alle gedachten it frekwinte foarkommen fan *Vel sic secundum aliquos* en *sulck boeck hath* yn Jus. De ferskillen wiene net dramatysk, mar wol hiel dúdlik.

Wy sille no fjouwer sitaten út it *Ald Skeltarjocht* nei elkoar behannelje. Ien fan de earste saken dy't dêrby opfalle is dat Siccama by dizze sitaten de nûmers fan de oanbelangjende artikels yn syn foarbyld jout. De nûmering en

53. Oosterhout, 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus', 100–101.
54. Sjoch ek §6 hjirûnder.

de folchoarder fan de paragrafen yn dizze tekst wykt ôf yn de ferskate oerlevere redaksjes.[55]

Sitaat 9 [Siccama, s. 101]
Veteri jure frisico, art. 40. de uxore alterius raptâ.

Hot is riocht wharsoma en wijff an neda nimpt ende dat clagiet da frana so schilma her volgia metta Aesga tida fordel ther hio binna is en[I] da frana schil her fregia. hose dir[II] kome hor willens so onwillens: hockera hia dan quetz[III] so schil hia inda frana wald wessa tra[IV] nachta truch da need derma aldir[V] clagiet. Dis tredda deis aegse di frana anda werff te bringhen ende tue steven te setten her willa tho barien. Byda ene steve stania hera Megen ende by da ora her man. Jeff hia vida[VI] man geet so brucksa des manas mit willa om dat hia hera ledena wald aegh. Jeff hia tida me gen[VII] geet so schil hisa tweda jelda en[I] brand en[I] breck tielda ende tachentich pond heren en[I] lioeden jaen:
[I] ende; [II] der; [III] queth; [IV] tria; [V] alder; [VI] tida; [VII] megen

Jus (J III,33)
Djt is riocht: hweer soe wyff an nede nymen wirt ende dat ma dat claget dae frana, soe schol ma hir fulgia mey dae aesga ti dae fordele, deer hio binna is; ende dy frana schel hir fregia, hoe hioe deer come, her willems dan onwillems. Hoeder soe hio dan queth, soe schel se dech oen dis frana wald sitta tria nachta truch dae need, deer ma deer clagheth. Des tredda deis soe aegh hir dy frana oen den werf toe brengane, tweer stefuan toe sortene[I], hirre wille toe bariane; etta oera stefue schel staen her megan ende etta oerem di man. Gheet hio toe den manne, soe brukes[II] hioes mey willa, omdat hio hir ledena dae wald aegh. Ief hio toe dae megan gheet, soe schel ma hir twiielda iulda ende dy manne brand ende breke tiulda ende iaen twa ende achtich punda herum ende lioedem; ende dae sibbista sexa allerlijk, ief se deerjn bitiogad wirdet, brand ende breek tiulda ende mey hiara hand leesne[III] beta. Soe hwam so ma dis ielkers bitigat, dat hi deermey weer oen fulliste, soe schel hi mey twam pundem beta iefta sexasum oenswerra.
[I] sottene; [II] bruke ; [III] haudleesne

Druk
[D]Jt is riucht hweersoma een wif an nede ni*m*pt endma dat claget da frana soe schelma her folgia mitta aesga tida fordel deer hio bi*n*na is. En*de* di frana schel heer fregia. hose deer ko*m*me. hor willens so onwille*n*s. hockera hio da*n* spreckt. so schel hio i*n*des frana wald wessa tria nachta. truch da need. deerma aldeer claghet Dis tredda deys. aeghse di frana oen de*n* werf to bri*n*ghen. ende tweer steuen to setteu[I] her willa to barien bida ena steue stande her meghen. ende bida ora her man Jef hyo ti da man geet. so brucke se dis ma*n*nes mit willa om dat hyo her ledena wald aegh. Jef hyo to da megen geet. so schil hise twede ielda: Ende bra*n*d en*de* breeck tielda ende tachtich pond here*m* en*de* lyode*m* iaen. En*de* dera allerlyck. deer aldeer in bitinged wirdet bra*n*d en*de* breck tielda. en*de* mit hiara haedlesene beta. so hua*m* soma dis ielkirs bitiget. dat hideer mede an folliste were. so schil hi mit twam pondem beta iefta sexasu*m* ontsuara.
[I] setten

55. Algra, ‘Concordantie’.

Siccama jout by dit earste sitaat oan dat it om artikel 40 giet. Yn Jus is dit artikel 33 en yn Druk 30. Yn net ien fan de oerlevere redaksjes is dit paragraaf 40. Fierders falt op dat Siccama de tekst begjinne lit mei <Hot is riocht> ynstee fan *Dit is riucht*, sa't de oare hânskriften hawwe. Dit begjin liket noch it meast op de wize dêr't de paragrafen fan de tekst *Haet is riucht* 'wat is rjocht' mei begjinne, de tekst dy't altyd foarôf giet oan it *Skeltarjocht*. Wy komme dêr hjirûnder (§5) op werom.

De rest fan it sitaat folget dan ris Jus, dan ris Druk. De argayske foarm <ther> yn de earste sin komt boppedat allinne yn Unia foar; Druk en Jus hawwe <deer>. De folgjende passaazje lit aardich sjen hoe't de lêzing fan Siccama tusken dy fan Jus en Druk yn sit en eleminten fan beide hat:

Sicc <hockera hia dan [queth] so schil hia inda frana wald wessa>
Jus <Hoeder soe hio dan queth, soe schel se dech oen dis frana wald sitta>
Druk <hockera hio da*n* spreckt. so schel hio i*n*des frana wald wessa>

Sitaat 10 [Siccama, s. 107]
in jure nostro frisico art. lxxxi
Dit is dio riuchte Boedeleed di[I] da iena swarra schil der kamer en[II] kaien warada ho[III] aegh hy op tho nimen mit siner winstera hand sine winstera hara[IV] ende der op tho lidsena tween finger*en* mit mit[V] sima[VI] fora hand en[II] swarra dan.
[I] der; [II] ende; [III] so; [IV] gara; [V] mit; [VI] sina

Jus (J III,72)
Djt is riocht, dat di ienne aegh den bodeleeth toe swerren, deer kaemer ende kayen bewarede. Soe aegh hi op toe nymane zijn wennestra ghaera mey zijn wenster hand ende deerop toe lidzane tweer fingeren fan sine foera hand ende di aesga him den eed to stowiane aldus: [...]

Druk
[D]Jt is di riuchta boedel eed deer di ieen swara schil deer kamer ende kayen warade. so aegh hy op to nymen mit siner winster ha*n*d. sin wi*n*stera hara. ende deer op toe lidsen tween finger*en*. mit sine fora hand. ende swara dan.

By Siccama is dit artikel 81, yn Jus 72 en yn Druk 71. Siccama syn tekst rint hast hielendal parallel mei Druk. Se hawwe sels de flater <hara> foar *gara* mienskiplik. Oosterhout murk dêr ek al oer op dat as Siccama in eigen hânskrift hân hat, dy flater dan net in printflater yn Druk is, mar in skriuwflater yn ien fan de tradysjes fan de Aldfryske hânskriften. Boppedat observearre Oosterhout ek dat Siccama neffens Druk de grammatikaal bettere lêzingen *siner winster**a** hand* en *der op tho lidsen**a*** hat.[56]

Sitaat 11 [Siccama, s. 121]
Hinc in jure nostro Frisico art. 32.

56. Oosterhout, 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus', 103.

Hot is riocht dat di Greuwa der hyr Ban latz[I] des fiarda ieer Bodting halda moet.
[I] lath

Jus (J III,26)
Djt is riocht, dat dy grewa, deer hijr ban lath, des fiaerda ieers bodthijng halda moet

Druk
[D]Jt is riucht di grewa deer hyr da ban lath. dat hi des fyarda ieris bodtingh halda moet

Op 'e nij begjint Siccama mei <Hot is riocht>. Dat wiist der dus op dat de artikels yn Siccama syn foarbyld begjinne mei *hot is riocht* ynstee fan *dit is riocht* yn de oare redaksjes. It artikelnûmer fan Siccama wykt ôf fan sawol Jus (26) as fan Druk (22). Fierders is de tekst hiel koart, mar dochs kin konkludearre wurde dat Siccama mear op Jus liket as op Druk.

Sitaat 15 [Siccama, s. 123]
in jure nostro frisico parte primâ art. xxxi, quod propter antiquitatis memoriam, in gratiam popularium meorum adscribere juvat
Hot is riocht alder di fria fresena xxx pond wird eruis haet oen zijnre war dat hy hors en wepen halda schil thi da landwer. Jef hem dis brect so schil hy to jenst dina frana mey twam pond beta. whaso haut xx pond wird erves oen zijnre war di schil habbe truch langa wepen jefte mey twam pond beta. Whaso hat xii pond wird erves oen zijnre war dy schil habbe speer en[I] schild thi da landwar jefte mey twam pond beta. Di dir[II] haet lessa die schil habbe koker en[I] boga thia[III] da landwer jefte mei twam pon den[IV] beta.
[I] ende; [II] der ; [III] thi; [IV] ponden

Jus (J III,22–25)
Fan herewapene
22. Djt is riocht: aldeer dy fria Fresa tritich punda wird eerues haet oen synre were, dat hij horses ende wepenes werria schel toe der landwere. Ief hem des brect, soe schel hij iens den frana mey twam pundem beta.
Fan langhe wepen
23. Djt is riocht: dy deer haet tweyntiga ponda werd eerwes, dy schel habba truchlang wepen ief mey twam pundum beta.
Fan spera ende schiuld
24. Djt is riocht: deer haet toulif pund wird eerwes, dy schol habba spera ende schiuld toe der landwere iefta mey twam pondum beta.
Fan koeker ende boegha
25. Djt is riocht: di deer min haet, dat di schol habba koeker ende boegha toe der landwere iefta mey twam pondum beta.

Druk
Uan freesna wepen to halden.
(D)Jt is riuct.. aldeer di fria fresa .xxx. po*n*d wird eerwis haet oen synre wer dat hi hoers ende wepen halda schil toder landwer. ief him dis breckt. so schil hi to ienst dine frana mit twam po*n*dem beta. Hwaso haet xx. ponda wird eerwis oen synre wer. Di schel habba truch slayn wepen iefta mit twam ponde*m* beta Hwa so haet xii. ponda wird eerwis di schil habba. speer ende schield toeder land wer iefta mit twam ponde*m* beta. di deer haet lessa. di schel habba koeker ende bogha toder landwer. iefta mit twam pondem beta.

Dit is in moai lang sitaat. De redaksjes fan Siccama en Druk lykje dúdlik it meast op mekoar. Siccama hat lykwols <truch langa wepen> lykas Jus, wylst Druk de bettere lêzing <truch slayn wepen> hat.[57] Ek op oare, minder wichtige punten wykt Siccama fan Druk ôf. Sa mist by Druk yn de tredde bepaling – dus oer minsken dy't in besit mei in wearde fan 12 pûn hawwe – it sindiel <oen zijnre war>. Siccama hat dat op dit plak al.

As dus de sitaten út de *Bireknade Bota* noch net oertsjûgjend genôch wiene om sjen te litten dat Siccama in eigen Aldfrysk hânskrift hie, dan binne dizze sitaten út de klassike rjochtsteksten dat wol. Wy sille no as lêste sjen nei de twa sitaten dy't Siccama net oantsjut as ôfkomstich út it *Jus Frisicum*, mar dy't er by harren eigen namme neamt, de *Wilkerren fan Wymbritseradiel* en it *Syndrjocht fan Boalsert*.

4.3 De Wilkerren fan Wymbritseradiel en it Syndrjocht fan Boalsert

De *Wilkerren fan Wymbritseradiel* (1404), ek wol bekend ûnder de namme *Papena ponten*, binne allinne yn it hânskrift Jus oerlevere. It *Syndrjocht fan Boalsert* is oerlevere yn Jus en yn in oarkonde. Omdat al dúdlik wurden is dat de oare sitaten fan Siccama grif net oan Jus ûntliend binne, is it sitearjen út dizze twa teksten dus ek in wichtige oanwizing foar in eigen hânskrift fan Siccama. Lykas hjir boppe al sein, ferwiist Siccama foar alle Aldfryske teksten útsein dizze twa nei in *Jus Frisicum* en nimt er dizze twa teksten apart op yn syn boarnelist. Wy sille hjirûnder sjen dat dat te krijen hat mei it feit dat alle oare teksten te finen binne yn Druk en dizze twa net.

Sitaat 6 [Siccama, s. 81]

Recentius ad huc in Statutis Wagenbruggensibus hodie Wiimbritseradeel. art. XIX.

Wherso in[I] man beschriouwen wit[II] om een betichtma ieffte om ora secka fanda riuchteren wol hina syckera sex atten ende sex bure*n* thre atten en[III] thre buren binnes gaes inda[III] da ora tonimmen in da dela dy mey hem sickera voer da Greetman ende aldaer mey vry fan da Greetman.

[I] en; [II] wirt; [III] ende

Jus (J XXXIV,20)

Di xix pont is: Hweer soe en man bescriowen wirth om en bitichma iefta om oers secka fan da riuchteren, wol hine sickrija sex atten ende sex buren, thre atthen ende thre buren binnes gaes ende dae oer to nimen jn dae dele, dy mey hem sikria foer dae greetmaen ende aldeermey frij ende quyt to wessen fan dae greetman.

As wy alle ôfwikings yn stavering op it konto fan sloarderigens fan Siccama skriuwe wolle (wat fan Siccama wol in hiel rûge ôfskriuwer meitsje soe), dan bliuwt as wichtichste ferskil tusken dizze twa teksten oer dat Siccama

57. Mol, 'Friese krijgers en de kruistochten', 103 n. 71.

<syckera> en <sickera> hat, wylst Jus <sickrija> en <sikria> hat. It ferskil is fansels dat it yn Kodeks Siccama konsekwint in swak tiidwurd fan de 1e klasse is (*sikera*), wylst it by Jus ien fan de 2e klasse is (*sikeria*).[58]

Sitaat 5 [Siccama, s. 80]
Ius Synodale decanatus Bolverdiensis scriptum Anno MCCLXXII. art. XXIX
waso in[I] man daedslacht vr setta soen. vr kesneda monda ende vr sivarna[II] ethe*n* di schil dab oon[III] beta mey sex merkum hit en se dat hy mey ziin personna enda voochden ende mit sex trouwe buren bewysa moga dat dy der slain is hem reda efta da Sinna oen ziin lijff ende ledena ende aen zyn goed ende hy din eed ende soen hat inbritsen so schil hy da ban beta mey tria merkum.
[I] en; [II] swarna; [III] da ban

Jus (J XXXIII, 30)
Jtem di xxix pont is: hwae soe en man daed slacht wr sette soen ende wr lesten[I] mund ende wr swerna eden, di scel di ban betha mith vj merkum, hit en sie dat hij mey zijn personna ende foechden ende mit sex trouwa burem bewysa moghe, dat hij, deer slayn js, hem rede efter der sonna oen zijn lyf ende ledena ende oen zijn gued ende hi den eed ende zoen hab jnbritzen; soe scel hij da ban beta mith thria merckum.
[I] kesten

OFO II,38 (= kopy fan Gabbema)
Dy XXV. punt is, Hwaesoe en daed slagt wr sette soene, ende wr kesten munde, ende wr swerrenden eeden, dy schil da ban beta meij sex merkum, het syd hyt meij syn persona ende mey twam foechden ende mey sex trouwe buyren, dat bywyse moghe, dat hy dier sleyn is him efter reede soen, in syn lyv ende syn lyae ende syn goed, en hy deen eed ende dae soene habbe inbritsen, soe scil hy dae ban beta mey trym merkum.

It *Syndrjocht fan Boalsert* is yn twa redaksjes bekend: ien yn Jus en ien yn it earste copiarium fan Gabbema, dat yn diel II fan Sipma syn *Oudfriesche oorkonden* opnommen is as nr. 38.[59] By dizze oarkonde moatte wy dus rekkenje mei it feit dat it om in kopy fan Gabbema giet en net om in orizjineel.

Siccama giet it meast lykop mei de Jus-redaksje – by beide is it paragraafnûmer 29, wylst it by Gabbema 25 is – mar wykt dêr wer op in tal krúsjale punten fan ôf. Oosterhout wiisde ek al op it nuvere <kesneda monda> fan Siccama, dêr't Jus en Gabbema beide *kesten mund(e)* hawwe.[60] Dêrby moat noch oantekene wurde dat hjir yn Jus in skriuwflater stiet, nammentlik <lesten> ynstee fan *kesten*. It is ûnwierskynlik dat Siccama by steat west hawwe soe om dy flater te ferbetterjen. Faak sjogge wy dat 17e-ieuwers

58. Bremmer, *An Introduction to Old Frisian*, 78–80.
59. Tresoar, 9056 O[1] Hs f. 44; Sipma, *Oudfriesche oorkonden* II, nr. 38.
60. Oosterhout, 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus', 98.

krekt mear flaters meitsje en yn 'e tiis reitsje as der yn harren foarbyld yn in wat dreger tekstdiel in skriuwflater makke is.

Ek dizze beide sitaten fan Siccama kinne dus tsjinje as fierder bewiis dat er in eigen hânskrift hân hat. Yn de folgjende paragraaf besykje wy om in ferklearring te finen foar it feit dat Siccama dizze paragrafen net oantsjut as *Jus Frisicum*. Mar earst sjogge wy noch nei de losse wurden dy't Siccama oanhellet.

4.4 Losse wurden en minisitaten

Neist de langere sitaten, dy't troch har lingte te identifisearjen binne, hellet Siccama ek gauris losse wurden of hiele lytse sindielen oan. Dy binne troch Oosterhout net behannele yn syn artikel. Omdat wy der lykwols fan útgeane dat Siccama yn prinsipe út ien sammelhânskrift sitearre hat, hawwe wy dy sitaten ek besjoen.

Foarst binne der wurden dy't yn it Aldfrysk te frekwint foarkomme om teplak te bringen of dy't om in oare reden net oan in spesifike tekst te ferbinen binne. It giet om acht gefallen:

26) *Hofflonde*
29) hinc frequenter in jure nostro *Aesgha doem & Schelte ban*
30) Veteres Frisii dicebant *op da holgena witen*
31) frisij *jechtwird & seckwird* dicebant
32) *ketelfang*
33) *haudlesena*
35) *gersfallich*
36) *faxfang*

It hat net folle doel en stean lang stil by wurden dy't dochs net teplak te bringen binne. Wy beheine ús ta in pear opmerkings. De wurden *gersfallich* (35) en *faxfang* (36) komme yn hast alle boeteregisters foar. Se binne bûn oan in zjenre, mar net oan in individuele tekst. Allinnich it wurd *Hofflonde* pleatst ús foar in riedsel. Neffens Hofmann en Popkema harren *Altfriesisches Handwörterbuch* komt dat wurd allinnich mar yn de oarkonden foar.[61] Siccama seit sels dat er ek âlde Fryske oarkonden yn syn besit hie (sjoch §5 hjirûnder), dat wy moatte oannimme dat er dat wurd yn in oarkonde fûn hat.

Twads binne der wurden dy't mar op ien plak yn it Aldfrysk foarkomme, of dy't wy miene teplak bringe te kinnen. Yn fjouwer fan de fiif gefallen smyt dat lykwols in tekst op dy't wy al identifisearre hiene. It giet om dit rychje:

61. Hofmann en Popkema, *Altfriesisches Handwörterbuch*, 226 (s.v. *hoflond*). Sipma (ed.), *Oudfriesche oorkonden I*, nrs. 28 en 198.

27) *Van dae swirds syde*
34) *Tzaackbreeck* (hjirboppe al behannele)
37) *clipschild*
38) jus Frisicum Kest VII & IX ac in *ferdpennighen & huuslaga* mutatum
39) *Reesraeff*

It lemma *swerdside* 'sibben fan heitekant' komt neffens Hofmann en Popkema foar yn de *Excerpta Legum/Jurisprudentia Frisica*-tradysje en yn de *Wilkerren fan de Opstalsbeam*. Yn dy lêste tekst is eksakt dit koarte sitaat werom te finen: *fan da swerdside*, mar net ien fan de oerlevere farianten (Druk, Unia, Roorda) hat de stavering dy't Siccama jout.[62] It liket dus wier om de *Wilkerren fan de Opstalsbeam* te gean, mar op 'e nij hat Siccama in ôfwikende stavering. Wy kinne dus wol foarsichtich de *Wilkerren fan de Opstalsbeam* taheakje oan it rychje fan teksten dy't yn Kodeks Siccama stien hawwe.

Twa sitaten – (37) en (38) – komme út de *17 Kêsten*. Yn (38) jout Siccama dat sels oan: *jus Frisicum Kest VII & IX ac in* ***ferdpennighen*** *&* ***huuslaga*** *mutatum* 'yn it *Jus Frisicum* is dat yn de 7e en 9e kêst feroare yn *ferdpennighen* en *huuslaga*'. It wurd *clipschild* 'klinkende munt' komt ek mar op in tige beheind tal plakken foar yn it Aldfrysk.[63] Mar yn dit gefal binne dizze twa sitaten mei mekoar ferbûn. It giet hjir om twa typen belêsting. Yn de tiid – sa seit de oerlevering – dat de Friezen ûnder de Wytsingen foelen, moasten se oan harren *klipskelde* betelje, mar ûnder de Karolingers wie dat feroare yn *huslaga* of *huslotha*.[64] It leit dus yn 'e reden dat Siccama syn iene boarne foar dizze ynformaasje, de *17 Kêsten*, oanhellet.

As lêste it wurd *Reesraeff* 'lykrôf'(sitaat nr. 39). Dat wurd komt allinne foar yn it *Westerlauwersk Syndrjocht* en yn de *Excerpta Legum*.[65] Op 'e nij leit it yn 'e reden dat der oan it *Westerlauwersk Syndrjocht* ûntliend is. Wy kinne der fierders neat fan sizze, útsein dat it wurd nearne eksakt yn dizze stavering foarkomt: <reesraef> (dus mei ien *f*) komt der it tichtste by.

As lêste moatte wy noch in abslút unyk Aldfrysk wurd besprekke. It is in riedsel út hokker tekst oft Siccama dat wei hat. It giet om dit sitaat:

---

62. Sjoch foar de farianten: Meijering, *Willekeuren Opstalboom*, 44.
63. Hofmann en Popkema (*Altfriesisches Handwörterbuch*, 275) neame neist de *17 Kêsten* de ferzje yn it Earste Emsingoër Hânskrift (E1) fan de tekst *Erfrjochtriedsel fan de trije bruorren*, de *Kommentaren op de 17 Kêsten* yn it Twadde Riustringer hânskrift (R2) en de *Jurisprudentia Frisica* yn Kodeks Roorda.
64. Nijdam, 'Klinkende munten en klinkende botsplinters'.
65. Hofmann en Popkema, *Altfriesisches Handwörterbuch*, 233 (s.v. *hreraf*); Nijdam, *Oudfries h in de combinaties #hl-, #hn- en #hr-*, bijlagen I en IV.

28) *quemque* ***aefwird*** *id est gladium nuptialem vocabant*

De oersetting fan dit sitaat is: ‘wat se *aefwird*, dat is it houliksswurd neamden’. De foarm <aefwird> moat, útgeande fan de Latynske útlis, wol korrupt wêze. Gelokkich jout Siccama yn syn listke mei *errata* op de alderlêste side fan syn boek de krekte foarm: *aeftswird*. En dêr is *gladium nuptialem* yndie de letterlike oersetting fan (*gladium* = *swird* ‘swurd’ en *nuptialem* = *aeft* ‘houlik’). De kontekst fan *aeftswird* is in útlis fan Siccama oer it âlde Fryske rjocht oangeande oerhoer. In pear siden earder hie Siccama it sitaat út it *Westerlauwersk Syndrjocht* (nr. 8) oanhelle oer wat in man mei syn oerhuorrige frou dwaan mei. Yn dat sitaat wurdt sein dat in man dy frou ek de holle ôfslaan mei mei itselde swurd dêr’t se ûndertroch rûn wie by de brulloft. Dat brulloftsritueel is ridlik goed beskreaun foar midsieusk Fryslân.[66] Mar dat dat swurd in spesjaal swurd wie en *aeftswird* hiet wie oant no ta ûnbekend. Wy hawwe hjir dan ek te krijen mei in hapaks yn it Aldfrysk: it wurd is fierders nearne attestearre. It is ek de fraach út hokker tekst oft dat wurd komt. Of hat Siccama faaks it wol attestearre wurd *aftwird* ‘houlikswurd, ja-wurd, houliksbelofte’ ferkeard lêzen en begrepen?

5. Jus Frisicum, Druk en Kodeks Siccama

No’t dúdlik wurden is dat Siccama in eigen Aldfrysk hânskrift hie, soe it wol moai wêze as er yn syn kommentaartekst wat mear oer dat hânskrift fertelde. Spitigernôch is der hjir in komplisearjende faktor. Siccama ferwiist nammentlik eksplisyt nei Druk. Op dy wize komt der nochris in filter tusken ús en it Aldfryske hânskrift dêr’t Siccama gebrûk fan makke.

Ear’t wy de ferwizings nei Druk behannelje, moatte wy der lykwols op wize dat Siccama eksplisyt oanjout dat er mear (Aldfrysk) hânskriftlik materiaal ta syn foldwaan hie. By de behanneling fan de namme fan de Friezen seit er nammentlik op side 65 *Nec aliter in libris, manuscriptis & Instrumentis, ante cc. & ccc. annos exaratis, quam fresen scribitur* ‘Der wurdt net oars as *fresen* skreaun yn boeken, hânskriften en oarkonden dy’t 200 en 300 jier ferlyn opmakke binne’.[67] In pear siden fierderop seit er *Habeo vetera instrumenta ante annos cc. & ccc. scripta* ‘Ik haw âlde oarkonden dy’t tusken de 200 en 300 jier ferlyn skreaun binne’.[68] Dat strykt sawol mei de posysje dy’t Siccama hie – as stedsskriuwer fan Boalsert – as

66. Sjoch bygelyks Bremmer, *Hir is eskriven*, 120–121.
67. Siccama, *Lex Frisionum*, 65. Dizze opmerking is ek in yndirekte oanwizing dat der mear oarkonden út de 14e ieu west hawwe as de tolve dy’t no noch bekend binne.
68. Siccama, *Lex Frisionum*, 88.

mei syn goed komôf. Yn beide konteksten mei men yndie âlde oarkonden en hânskriften ferwachtsje.

Dan Druk. It stiet net yn 'e kiif dat Siccama mei syn ferwizings nei *Jus Frisicum* Druk bedoelt. Ek hjir hat Oosterhout wer kreas de fynplakken by elkoar swile.[69] Op side 76 skriuwt er bygelyks: *constat item ex jure nostro antiquo ante annos 140 impress fol 103* 'sa't bliken docht út ús âlde rjocht, dat 140 jier lyn printe is, op folio 103'. It wurd *impresso* 'printe' is fansels hiel wichtich yn dit ferbân. As wy 140 jier ôflûke fan 1617 (it jier fan ferskinen fan Siccama syn stúdzje) komme wy út op 1477, in net sa rare datearring fan Druk, dat tsjintwurdich op sa. 1484–1486 datearre wurdt.[70] De fraach is fansels oft Siccama konkrete ynformaasje hie dy't him op 1477 brocht.

Ut twa ferwizings nei it *Jus Frisicum* of *Codex Juris Frisici*, sa't Siccama it Fryske rjocht op dy plakken oantsjut, wurdt wol foargoed dúdlik dat it om Druk giet. Op side 85 seit Siccama: *Solennes illi ritus, & plane barbari accusandi, defendendi, & pro sequendi homicidam in judicio, codice juris Frisici 41 [lês: '4o' = quarto] pag. 105, 106, 107, 108, prolixe describuntur*, dus frij fertaald: sjoch op side 105–108 fan de *Codex Juris Frisici* yn quartoformaat oer de prosedueres oangeande in deaslach. No wiene der fan Druk ferskate eksimplaren yn omrin dêr't de prolooch en de ynhâldsopjefte yn ûntbrieken, en ek as dy wol oanwêzich wiene is it net rjocht dúdlik oft men earder by de prolooch begûn te nûmerjen of pas op de earste side fan de haadtekst. As wy dat lêste dogge, komme wy kreas út op de earste fjouwer siden fan it *Jong Skeltarjocht*, dêr't yndie beskreaun wurdt hoe't in deaslach foar it gerjocht behannele wurde moat. Dy tekst wurdt yn de prolooch fan Druk sels omskreaun as *fan da ielden enis daedslachtis* 'oer de werjilden by in deaslach'.

Op side 93 ferwiist Siccama nei side 24, 25, 26, 27, 28 *in Codice juris Frisici*, as er it hat oer de prosedueres *quae a campionibus erant observanda* 'dy't troch de kampfjochters folge wurde moesten'. En yndie, op dy siden fynt men de prosedueres oer de *strid* 'twakamp' en de *kempa* 'kampfjochter' yn it *Ald Skeltarjocht*.[71]

It is dus wis dat Siccama nei Druk ferwiist as er net sitearret mar parafrasearret. Op noch in pear oare plakken ferwiist er nei artikelnûmers fan it *Ald Skeltarjocht*.[72] No hat net ien fan de oerlevere eksimplaren fan Druk in

69. Oosterhout, 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus', 95–96.
70. Popkema, 'Aspekten fan it Freeska Landriucht'.
71. Ferlykje J III,43–45.
72. Siccama, *Lex Frisionum*, 111 (*Iure frisico artt. 53, 54, 55, 56, 57, 58*), 101 (art. 40

paragraafnûmering; net yn de printe tekst noch mei de hân yn de marzje skreaun. En ek strykt de yn Siccama neamde nûmering net mei dy fan de no besteande edysje fan Druk yn Von Richthofen syn edysje, sa't bliken docht út de konkordânsje op de ferskate redaksjes fan dy tekst dy't troch Nico Algra makke is.[73]

Der kin by eintsjebeslút noch ien observaasje makke wurde. Yn Sitaat 15 hat Siccama it oer *in jure nostro frisico parte primâ art. xxxi*. Dat *pars prima* of earste diel is ek in rjochtstreekse ferwizing nei Druk. Yn de prolooch wurdt de ynhâld fan Druk nammentlik beskreaun as besteande út 17 dielen. It earste diel wurdt dêr sa omskreaun: *Dat arste bighint aldus: Haet is riucht list ende konst*. It blykt lykwols dat it om dizze trije teksten giet: *Haet is riucht*, *Ald Skeltarjocht*, *Karel en Redbad*. Dat it *Ald Skeltarjocht* en it ferhaal oer *Karel en Redbad* in bepaalde relaasje mei elkoar hawwe, is troch Paul Noomen op it aljemint brocht.[74] Mar blykber waarden dy trije as ien gehiel sjoen. Dat soe dan ek ferklearje kinne dat it begjin fan in soad teksten by elkoar paragrafen fan *Haet is riucht* (nammentlik *haet is riucht* 'wat is rjocht?') trochlutsen is nei it *Ald Skeltarjocht*, dêr't in soad paragrafen ornaris begjinne mei *dit is riucht* 'dit is rjocht'. Dêrom begjinne sitaten 9 en 15 fan Siccama mei *hot is riucht* ynstee fan *dit is riucht*.

Der kin dus konkludearre wurde dat Siccama yn syn kommentaar út syn eigen Aldfrysk hânskrift sitearre, mar dat er ferwiisde nei Druk. De reden foar dat lêste leit foar de hân: it is better te ferwizen nei in printe boek as nei in manuskript, omdat de sidenûmering fan alle eksimplaren gelyk is. Boppedat hat in printe boek mear status as in manuskript. Mar wêrom sitearre Siccama Druk dan net letterlik, mar syn eigen hânskrift? In ferklearring soe wêze kinne dat er wol in eksimplaar fan Druk yn hannen hân hie – fan immen liend hie dus – en yn syn eigen kodeks dêr de paragraafnûmering ensfh. fan oernommen hie, mar dat er sels gjin eksimplaar fan de Aldfryske ynkunabel hie. Der binne by eintsjebeslút mar njoggen eksimplaren fan Druk oerlevere: it moat ek yn de 17e ieuw in ridlik seldsum boek west hawwe. Dit senario ferklearret yn alle gefallen wol wêrom't er nei de sitaten út de *Wilkerren fan Wymbritseradiel* en it *Syndrjocht fan Boalsert* net ferwiisde mei *Jus Frisicum*, omdat dy teksten net yn Druk steane. Se stiene nei alle gedachten wol yn syn eigen Kodeks Siccama, omdat de stavering en lûding fan alle sitaten sa folle op mekoar lykje.

(=sitaat 9)), 107 (art. 81 (=sitaat 10)), 121 (art. 32 (=sitaat 11)), 123 (art. 31 (=sitaat 15)).

73. Algra, 'Concordantie', 271–272.
74. Noomen,'Hachens en Wachens'.

6. Lokalisaasje en datearring fan Kodeks Siccama

Wannear is de kodeks skreaun of gearstald, en wêr? Beide fragen is net samar in antwurd op te jaan, sels as de folsleine kodeks oerlevere wie. Om't de Aldfryske rjochtshânskriften fan it type kodeks Siccama in kompilaasjes binne fan besteande teksten dy't oerskreaun binne en elk har eigen ûntsteansskiednis yn tiid en romte hawwe kinne, hat in kodeks net samar ien datum en lokalisaasje.

Yn dizze paragraaf giet it om de talige datearring en lokalisaasje: wannear binne de teksten sadanich (wer)skreaun dat har taalfoarm wiidweidich oanpast is en wat wie it dialekt fan de persoan dy't dat die? Sawol foar plak as tiid is der in ûnderskied tusken ynhâld en taalfoarm. In âlde tekst kin yn in argayske redaksje (wurdkar) bewarre wêze, wylst de taalfoarm (lûding, foarmen fan útgongen, ensfh.) let is. Op soartgelikense wize kin in tekst neffens dialekt oanpast wurde. Sa besteane fan guon Westerlauwerske teksten Easterlauwerske redaksjes dy't yn taal passe by de oare Easterlauwerske teksten yn de kodeks, bgl. *Fon alra fresena fridome* yn de twa Hunsingoaër hânskriften (H1 en H2), of in noch better foarbyld: it *Westerlauwersk Syndrjocht* yn it Fivelgoaër hânskrift (F).[75]

In analyze fan kodeks Unia liet sjen dat guon stikken moai sekuer kopiearre binne. Sa lit it *Ald Skeltarjocht* yn Unia in taalstadium fan c. 1300 sjen. Oare dielen fan Unia binne yn de 15e ieu fierhinne op 'en nij stal jûn, lykas de *Wilkerren fan de Opstalsbeam*.[76] By de modernisearring fan in âlde tekst kinne maklik argayske eleminten bewarre bliuwe. Sa is yn de modernisearre dielen fan Unia it tal argayske datyf-meartalsútgongen op *-um* folle heger as yn oarkonden fan likernôch deselde tiid.[77]

Troch te ferlykjen mei de skriuwwizen yn lokalisearre oarkonden kinne teksten ek lokalisearre wurde.[78] Komplisearjende faktor dêrby is dat de measte dialektferskillen berêste op in fazeferskil yn modernisearring. Wat yn bygelyks 1480 in eksklusyf dialektisme wie, wie 50 of 80 jier earder noch algemien. En om't yn in sammelhânskrift allegear oerkopiearre argaïsmen sitte kinne, falle sokke skaaimerken gau ôf foar de lokalisearring fan in tekst. Ynformativer binne dêrom fernijings. Dy leverje in *datum post quem*. En in fernijing dy't lokaal bliuwt yn Fryslân is in ideaal gefal.

75. Bremmer, *Hir is eskriven*, 130. Sjoch oer de taal fan *Fon alra fresena fridome* ek: Meijering, 'Die altfriesischen monosyllabischen Infinitive auf -n', 342.
76. Versloot, *Mechanisms of Language Change*, 70 ff.
77. Versloot, *Mechanisms of Language Change*, 80; grafyk 1.10.
78. Versloot, *Mechanisms of Language Change*, 28 ff.

Yn dizze analyze ferlykje wy de oerlevere passaazjes út Siccama yn it foarste plak mei de parallelle stikken út de oare oerlevere kodeksen. Dat hat in metodologysk doel. Fan de oare kodeksen witte wy wat mear as fan Siccama. Wat soene wy konkludearje as wy fan dy kodeksen inkeld dyselde pear fragminten hiene en hoe ferhâldt him dat ta wat wy feitlik oer de kodeksen witte? It gehiel wurdt ferlike mei de datearre en ridlik goed lokalisearre oarkonden.

6.1. Tiid

De taal fan 'Siccama' liket nearne op dy fan argayske teksten út Easterlauwersk Fryslân of fan guon stikken út Unia. 'Siccama' is yn alle gefallen 15e-ieusk en men hoecht der mar krekt nei te sjen om te witten dat de kodeks nei 1450 datearre wurde moat. Alear't dit fierder ûnderboud wurde sil mei foarbylden út fonology, morfology en syntaksis, sille wy earst stilstean by in oantal mear argayske foarmen dy't de tekst ek befettet.

Argaïsmen: haud *en* lond

De oerlevere tekstfragminten fan Siccama befetsje in tal argayske foarmen. De teksten yn de kodeks binne ôfskreaun fan âldere teksten en dy foarmje de boarne fan âlder taalmateriaal.

Sa komt yn sitaat 16 (*Bireknade Bota*) de foarm *haud* foar 'haad, holle' foar. Yn orizjinele oarkonden komt dy foarm foar it lêst yn 1450 foar; dêrnei is it *haed*. De âldere teksten fan Unia litte sjen dat yn de 14e ieu de langere foarm *hawed* it meast gongber wie. *Haud* is dus typysk foar de earste helte fan de 15e ieu.

In oar opmerklik gefal is it twa kear foarkommen fan *lond* (sitaat 14: *17 Kêsten*, en 26: isolearre wurd). De foarm is beheind ta de tiid foar 1450 en ta it noardeasten fan Fryslân (sjoch figuer 2).[79] Yn it *Ald Skeltarjocht* (Westergoa, likernôch 1300) komt inkeld *land* foar. Fierders hat 'Siccama' ek in pear kear *land*.

De kombinaasje fan *haud* (en net *hawed* of *haed*), dy't de tiid fêstleit op de earste helte fan de 15e ieu, en *lond*, dat yn dy tiid beheind is ta it noardeasten, foarmet in oanwizing dat yn alle gefallen in part fan de teksten dêr't kodeks Siccama fan ôfskreaun is út it noardeasten fan Fryslân kaam. Fan it lemma 'haad' is yn dy tiid yn it noardeasten de foarm *haud* as iennichste fariant oerlevere. It giet hjir om argayske relikten út in eardere boarne.

79. Sjoch ek de dialektyske fersprieding fan *lone/lane* yn Popkema, 'Aldfryske wei-oantsjuttings', 97 en 126 (kaartsje).



Figuer 2: foarkommen fan *lond* yn de earste helte fan de 15e ieu

Ynnovaasjes

Ferskate ferskynsels yn 'Siccama' binne jong en guon jouwe de mooglikheid om ta in foech datearring te kommen.

Konjunktyf

In dúdlik gefal fan fernijing is it langer net brûken fan de konjunktyf yn in sin as:

> *Jeffma in man bitygat dat hy in famna aen nede nijmen haet...*[80]
> 'as me in man betichtet dat er him oan in faam fergrypt (letterlik: yn need nommen) hat....'.

Neffens de klassike grammatike soe nei *bitigia thet* in konjunktyf folgje. Yn it let-15e-ieuske Druk stiet ek net in formele konjunktyf:

> *.... dat hy een famna aen nede nymen haet* (Druk)

Dy konjunktyf stiet wol yn Jus en Unia:

> *.... dat hi ene famna oen nede nimen habbe....* (Jus)

80. Siccama, sitaat 3 (*24 Lânrochten*); sjoch taheakke 1.

.... that hi en wif nimen <u>have</u> an nede,... (Unia)

De oanbelangjende passaazje út Unia is datearre op de earste helte fan de 14e ieu. It stik út Jus is yn alle gefallen 15e-ieusk. Druk datearret fan likernôch 1485.

In ferlykber gefal is te finen yn sitaat 13 fan Siccama út de 17 kêsten:

.... so hia am ieunda wer moga coma ...[81]
'dat se yn de jûn werom komme kinne'

Sawol Jus as Druk hawwe in soartgelikense konstruksje fan *muga* + *kuma*.[82] Unia hat lykwols de konjunktyf fan *kuma*:

.... so se an ewende wether cume,... (Unia)

In folsleine grammatikale annotaasje fan de oarkonden is noch net beskikber yn de digitale Taaldatabank fan it Frysk, dat in krekte datearring fan it ferlies fan de formele konjunktyf yn de 15e ieu is noch net mooglik.[83]

Mith-mey

In betreklik frekwint wurd, dat in dúdlik ferrin yn tiid en krite sjen lit, is it ferhâldingswurd *mith* 'mei'. Fanâlds is der yn it Frysk, krekt as yn it tsjinwurdige Nederlânsk, in ferskil tusken it bywurd *methe* (= Ndl. *mee*) en it ferhâldingswurd *mith* (= Ndl. *met*). It bywurd komt bygelyks foar yn sitaat 7 fan Siccama, út de tekst *Skakraf*. Yn de Unia-ferzje fan de tekst stiet:

.... ther hia scolden hara lif of feda and tha sele <u>methe</u> reda....
'dêr't se har liif fan fiede soene en har siel mei rêde.'

Siccama jout lykwols:

....dir hia schoulden dat lijff <u>mey</u> veda en hiara sela van reda

Ek Jus brûkt hjir *mei*.[84] Tusken 1410 en 1440 fynt de oergong fan it bywurd *methe* nei *mey* plak.

Oanslutend wurdt yn de twadde helte fan de 15e ieu ek it ferhâldingswurd *mit* troch dit *mey* ferfongen (figuer 3). Dêrby is sprake fan in ferskil tusken

81. Siccama, sitaat 13 (*17 Kêsten*); sjoch taheakke 1.
82. It is opfallend dat 'Siccama' hjir in saneamde haadinisjele wurdfolchoarder hat en net de letter yn it Frysk gongbere haadfinale. Jus had haadfinaal: *dan se oen iounde weerkomma moghe*, Druk haadinisjeel: *soe hya een ionde weer mogen comma*.
83. http://tdb.fryske-akademy.eu/tdb/.
84. Druk jout: *deer scholden hiara lyf aff feda ende da seel fan reda*



Figuer 3: ferkringen fan *mit* troch *mey* yn de funksje fan ferhâldingswurd

it noarden en it suden fan Fryslân.[85] Yn kodeks Siccama komme 22 gefallen fan it ferhâldingswurd *mith/mei* foar: 15 kear *mey*, 7 kear *mit*. De foarm *mit* bliuwt benammen stean yn de kombinaasje mei it lidwurd: *mitta* = *mith* + *tha* (3x) en foar /s/, bgl. *mit sex* (3x). Foar Siccama betsjut dat 68% *mey*. Foar Jus leit it nivo op 60%. Beide nivo's binne yn figuer 3 oanjûn. By dizze ynnovaasje moat rekken holden wurde mei it feit dat troch kopiearargaïsmen it nivo fan *mey* leger wêze kin as yn de tiid fan it kopiearjen sels. Foar Jus komt it jier 1464, dat yn alle gefallen foar in part fan it hânskrift jildt, aardich út, as men wit dat it om in tekst út it súdwesten fan Fryslân giet. Foar Siccama soene wy op grûn fan dit plaatsje ek sykje moatte yn de súdlike helte fan Fryslân en noch wat letter as foar Jus: de tiid om 1480 hinne (of letter) komt hjir yn 'e beneaming. As de tekst noardlik wêze soe, komt inkeld de tiid nei 1500 yn 'e beneaming en dat leit om eksterne reden (ein fan de Fryske Frijheid yn 1498 of *Saksysje Ordonnânsje* yn 1504) net yn 'e reden. De reliktyske foarmen *haud* en *lond* wize wol nei it noarden mar dan foar 1450 en dat strykt net mei de datearring nei 1500.

85. It ferskil oer de perioade 1470-1500 is statistysk signifikant (Fisher's Exact, $p<0.001$).



Figuer 4: Ferhâldingswurd *mith*

It wurdsje *mith* kin noch wat mear ljocht smite op it aard fan de ûnderskate kodeksen: sjoch figuer 4. Unia falt op troch syn argaysk karakter: dêr is it klassike *mith* dominant (sample beheind ta de parallelpassaazjes mei Siccama, hjir en ek fierder). Ut *mith* ûntstiet *mit*, dat dan letter ferfongen wurdt troch *mey* < *methe*. Ien Siccama-fragmint komt út it *Ius Synodale decanatus Bolsverdiensis* (‘*Syndrjocht fan Boalsert’*) en is ek oerlevere as oarkonde – in kopy troch Gabbema fan in tekst út 1455.[86] Yn dit gefal is de hiele tekst fan de oarkonde besjoen op foarkommens fan it lemma *mith*. Siccama hat yn it oanbelangjende fragmint 3x *mey* en 1x *mit*, wat aardich strykt mei it totaal fan Siccama. Jus hat ek noch inkelde kearen it argayske *mith*.[87] Druk is in hiel frjemde ein yn it byt. Dêr is – yn alle gefallen yn de korrespondearjende passaazjes – altyd *mit* brûkt. De ferdieling is a-typysk om’t de foarm sa dominant is (100%, n = 18) en om’t it krekt de oergongsfoarm is dy’t sa dominant is. Dat lêste aspekt wurdt aansen by it foarbyld fan de 3e namfal meartal noch taljochte.

86. Sipma, *Oudfriesche oorkonden* II, nr. 38.
87. Dat strykt mei ús globale yndruk dat Jus wol hiel dúdlik 15e-ieusk is, mar yn guon passaazjes 14e-ieuske of yn alle gefallen ier-15e ieusk, argayske skaaimerken troch-skimerje lit. De foarm *mith* is dêr in foarbyld fan, de útgong fan de 3e namfal meartal (sjoch fierderop) mar ek lidwurden mei <th> of de lange foarm *son(n)endei*. Versloot, *Mechanisms of Language Change*, 147.



Figuer 5: útgong fan de 3e namfal meartal (haadwurden)

Datyf meartal

De oarspronklike útgong *-um* fan de 3e namfal meartal wurdt yn de rin fan de 15e ieu ta *-em/-im* en sels *-en*.[88] De ûnderskate kodeksen litte elk in oar stadium yn de ûntjouwing sjen (OFO II-38 is wer hielendal besjoen): Unia is wer it meast argaysk mei benammen noch *-um* en yn de foarkommende fragminten gjin *-en*, wylst Siccama dúdlik hielendal oan de oare kant sit. Jus en OFO II-38 ûntrinne inoar net in soad. Wylst alle 'gewoane' teksten in top hawwe yn *-um* of *-en* kippet Druk der wer út: dêr is krekt de tuskenfoarm *-em* it meast frekwint.[89] De kombinaasje fan figuer 4 en 5 wiist wat ús oanbelanget op in bewuste homogenisearring by it gearstallen fan Druk. Yn beide ûndersochte gefallen is by foarkar net de jongste foarm brûkt (*mey, -en*), ek net in argayske foarm dy't op it stuit fan ferskinen eins achterhelle wie (*mith, -um*), mar benammen in foarm dy't as de 'fersoarge' fariant fan dat stuit jilde koe: *mit, -em*.

De oanwizings fan *mith* en de útgong fan de 3e namfal meartal wize mei-inoar nei de lette 15e ieu as tiid fan ûntstean fan Kodeks Siccama yn de foarm sa't wy dy - yn biten en brokken - kenne. Under de boarnen hat nei alle gedachten ek in stik út de earste helte fan de 15e ieu sitten út it noardeasten fan Fryslân.

88. Al yn de 13e ieu bestiet in alternânsje op basis fan fokaalbalâns. Versloot, *Mechanisms of Language Change*, 104 ff.
89. Yn Druk binne inkeld de fol-útskreaune gefallen meiteld, net de oploste ôfkoartings.



Figuer 6: It foarkommen fan de stavering *-ird-* yn de wurden *werth, swerd, word, werda*, ensfh. yn orizjinele oarkonden en kopyen út it tiidrek 1450-1500

6.2 Plak

Nei de datearring op de lette 15e ieu, wurde hjir in oantal ferskynsels behannele dy't ljocht smite kinne op it plak fan ûntstean fan kodeks Siccama.

-erd-/-ird-

It earste ferskynsel hjir is de oergong fan /ɛ/ > /I/ yn de sekwinsjes /ɛrd/ en /ɛrð/, lykas yn *werth* 'wurdich'*, swerd* 'swurd'. Yn Siccama komt twa kear *fird* foar yn de betsjutting 'frede', nêst in kear *freda* en in kear *ferd*. De Aldfryske foarm is *frethe*, mar al rillegau docht him dêr metatesis foar ta *ferde*. De attestaasjes yn Unia wize op de midden fan de 14e ieu foar it trochsetten fan de metatesis en sels yn it *Ald Skeltarjocht* en de âldste Aldfryske oarkonde (1329) komt al *ferde* foar.[90] Dat *ferde* kin dan ek wer *fird* wurde. Dy foarm komt oars yn de oarkonden hielendal net foar (!), inkeld yn Siccama. De absolute oantallen binne net sa heech foar dit gefal (n = 19 foar alle fragminten yn alle teksten), dus ûnderinoar ferlykjen hat net safolle doel. Yn Siccama, Jus en Druk mei-inoar is 63% *-ird-* (lemma's: *werth, swerd, frethe*). De kaart yn figuer 6 lit sjen dat de stavering mei <ird> yn dy wurden yn de oarkonden yn it westen fan Fryslân dominant wie.

90. Sipma, *Oudfriesche oorkonden* I, nr. 1.



Figuer 7: De farianten *salm* en *solm* fan it lêst fan de 15e ieu oant de ein fan de 18e ieu

Selva/salm

Opfallend yn Siccama is de foarm *salm* foar *selva* 'sels'. It pronomen 'sels' lit in nochal opfallende ûntjouwing sjen. Om 1300 hinne is it inkeld *selva* sûnder oantsjutting foar namfal. Yn de 14e ieu ûntsteane dan aparte foarmen per namfal (nom.-gen.-dat.-acc.): *self/-va - selvis - selvum -selva*. Al tsjin de ein fan de 14e ieu giet de namfalsfunksje ferlern en kinne alle foarmen yn alle namfallen brûkt wurde. By eintsjebeslút wurdt ien foarm per krite dominant, ferl. modern Hylpersk *sem* < *selvum*, Skierm. *salm* (idem), Standertfrysk *sels* < *selvis*, Aasters *self* < *selva.* It mingde byld sjogge wy ek yn Siccama: *selff* en *salm*. Benammen dy lêste foarm is nijsgjirrich, want dy komt ek yn de oarkonden foar, mei in beheinde geografyske en temporele sprieding: 1496 en 1499, beide yn it suden fan Fryslân (sj. figuer 7).

De foarmen *salm* en *solm* binne yn de 15e ieu súdwestlik. Yn it ier-Nijfrysk komt *solm* foar yn Molkwar en Makkum, *salm* komt – as it giet om lokalisearre auteurs – yn Boalsert (Gysbert Japicx) foar en op De Jouwer (Philips Frederik Vegilin van Claerbergen) en fierders by Bogerman (Dongeradielen) en op Skiermûntseach (ek yn ús tiid noch). Der is dus in súdwestlike en noardeastlike *salm*-groep. De noardeastlike komt op grûn fan *mith-mey* en *-erd-/-ird-* net yn 'e beneaming. Wy hawwe sjoen dat *lond* in argaïsme is, wylst *solm* pas yn 1449 foar it earst foarkomt en *salm* net earder as 1496 oerlevere is. De ynnovaasje *salm* is bewiiskrêftiger foar de datearring en lokalisearring fan de oerlevere fragminten fan de kodeks as it argaïsme *lond*. Dêrom leit it yn 'e reden om de oanwizing fan *salm* te keppeljen oan it plak fan skriuwen fan de kodeks.

Gearfetsjend wiist de taal fan de fragminten út Siccama op in frijwat let ûntstean fan nei 1480. De evidinsje fan *mith/mey* wiist nei it suden. It gefal *salm* wiist ek nei de súdlike helte fan Fryslân, mar wer net nei it uterste suden. It hege oanpart *-ird-* is mear westlik as eastlik. De stêd Boalsert, dy't yn it libben fan Siccama in wichtige rol spilet, leit yn 'e midden fan it gebiet dat dan oerbliuwt. De 'Codex Siccama' wie mooglik in koadeks dy't Siccama yn Boalsert oantrof en dy't dêr yn 'e omkriten yn it lêst fan de 15e ieu skreaun wie. De oanwêzigens fan it *Syndrjocht fan Boalsert* yn de kodeks past ek goed yn dat ferhaal.

7. Konklúzje: Kodeks Siccama en Jus

Hie Oosterhout yn 1970 it skearmes fan Ockham brûkt – 'ienheden moatte net ûnnedich fermannichfâldige wurde' of: 'besykje om it tal ferklearrings safolle mooglik te beheinen' – dan hie er syn seis dielkonklúzjes beheine kind ta ien ienriedige konklúzje: Siccama hie in eigen hânskrift, dat yn de tradysje fan Jus, Unia en Druk stie, mar syn eigen fariante redaksjes fan de ferskate Aldfryske teksten hie. Dêrtroch lykje de sitaten dy't Siccama jout de iene kear it meast op Jus en dan wer it meast op Druk.

In nije analyze fan de sitaten fan Siccama, mei help fan de ynsjoggen dy't yn 'e rin fan 'e goed fjirtich jier sûnt it ferskinen fan Oosterhout syn artikel opdien binne, lit nei ús betinken sjen dat Siccama in eigen Aldwestfrysk sammelhânskrift ta syn foldwaan hie, dat sûnt ferdwûn is. Kwa stavering en ynhâld siet dat hânskrift earne tusken Jus en Druk yn. It befette neist de kanon fan de Aldwestfryske rjochtsteksten ek noch it boeteregister *Bireknade Bota* en nei alle gedachten ek it *Syndrjocht fan Boalsert* en de

Wilkerren fan Wymbritseradiel.[91] It hânskrift kin fierder foarsichtich datearre wurde op 'e ein fan de 15e ieu (likernôch 1480 / 1490) en – noch foarsichtiger – yn it Westen oant Súdwesten fan Fryslân.

Dy konklúzje hat ek konsekwinsjes foar de besitsskiednis fan Jus. Yn harren edysje helje Wybren Buma en Wilhelm Ebel Karl von Richthofen oan, dy't de besitsskiednis fan Jus begjinne lit by Sibrandus Siccama. Dy besitter kin no skrast wurde, of alteast: út syn boek oer de *Lex Frisionum* blykt net dat er Jus hie. Neffens ús dûkt Jus pas op by Simon Abbes Gabbema, yn de twadde helte fan de 17e ieu dus. Siccama hie in oar Aldfrysk hânskrift foar him lizzen doe't er syn kommentaren op 'e *Lex Frisionum* skreau: 'kodeks Siccama'.

Taheakke: diplomatyske edysje fan de sitaten út Kodeks Siccama

Sitaat 1 [Siccama, s. 75]
In antiquo jure nostro Kesting XVI.
Dat alle fresena Hiara fird beta mey hiara fia

Sitaat 2 [Siccama, s. 114]
Hinc in veteri jure frisico.
Dat thi fria fresena sina fird schil beta mey sina fia.

Sitaat 3 [Siccama, s. 80]
Landrecht XIX.
Jeffma in man bitygat oat[I] hy in famna aen nede nijmen haet Jeff hijt jecht so jelde hyse tweda Jeff hijt biseckr[II] so ontswarra hysa achtarsium[III] an da wytede[IV]
[I] dat; [II] bisecke; [III] achtaesum; [IV] wyteden

Sitaat 4 [Siccama, s. 80]
warso in[I] man ores goed stelt inda. nara nivel tioestere nacht binna doren en[II] binna drompele in[II] dat met oen hem vint ende bekenne iefte oen siin selff handen so ne meyma der derde[III] my[IV] wyt ede bieda want dy bondena tiaeff ne mey schidigera[V] baria in[II] des iehtiga ne meyma naet bysecka.
[I] en; [II] ende; [III] deede; [IV] nin; [V] schildigera

Sitaat 5 [Siccama, s. 80]
Ius Synodale decanatus Bolverdiensis scriptum Anno MCCLXXII. art. XXIX
waso in[I] man daedslacht vr setta soen. vr kesneda monda ende vr sivarna[II] ethe*n* di schil dab oon[III] beta mey sex merkum hit en se dat hy mey ziin personna enda voochden ende mit sex trouwe buren bewysa moga dat dy der slain is hem reda efta da Sinna oen ziin lijff ende

91. Dy kanon is neffens ús: *Haet is riucht*, *Ald Skeltarjocht*, *Karel en Redbad*, *Magnuskêsten*, *17 Kêsten*, *Prolooch 17 Kêsten en 24 Lânrjochten*, *24 Lânrjochten*, *Acht Domen*, *Wenden op de 17e Kêst*, *Westerlauwersk Syndrjocht*, *Jong Skeltarjocht*, *Wilkerren fan de Fiif Dielen*. Dy teksten komme yn alle sammelhânskriften foar.

ledena ende aen zyn goed ende hy din eed ende soen hat inbritsen so schil hy da ban beta mey tria merkum.
[I] en; [II] swarna; [III] da ban

Sitaat 6 [Siccama, s. 81]
Recentius ad huc in Statutis Wagenbruggensibus hodie Wiimbritseradeel. art. XIX.

Wherso in[I] man beschriouwen wit[II] om een betichtma ieffte om ora secka fanda riuchteren wol hina syckera sex atten ende sex bure*n* thre atten en[III] thre buren binnes gaes inda[III] da ora tonimmen in da dela dy mey hem sickera voer da Greetman ende aldaer mey vry fan da Greetman.
[I] en; [II] wirt; [III] ende

Sitaat 7 [Siccama, s. 98, lês 97]
Etiam Schaecraef dicitur, in jure frisico tit. van Schaecraef.

Dit is en Schaecraef. Whaso farat ombiradis[I] mey onriuchter wald ti ena standara husa ende dir[II] binima tha lioeden hiara goed dir[II] hia schoulden dat lijff mey veda en[III] hiara sela van reda so bringt hy him salm inda schakera rauwa enda in hiarra riocht. Jeff hy dir[II] tho biradit wirht dat hy mitte fia beta schil so schil hijt twie schot beta ende da alder hagista freda twifald beta als da lioeda wilkaret habbat.
[I] onbiradis; [II] der; [III] ende

Sitaat 8 [Siccama, s. 98]
In veteri nostro jure Frisico.

Wersome een Vrouwe wroeget dat hioe en Vrhoer deen habbe so aeghse her voormond tho sickeren ief hyse sijckert vrbreckt her de ra ludena[I] so wertse[II] her formond al schieldich so aegh dy formond dine ker hor hyse filla so hyse handia[III] mit ta swird deersa[IV] onder ginga[V] dose dat aefte begingh so hysa[VI] tho hem nima ende hiase sickeria nellet so schilma om da sonde da hermscheed ontfae*n* ende da ban beta mey try en tzechstich schillinge*n*.
[I] dera ladena; [II] weetse; [III] haudia; [IV] deerse; [V] gingh; [VI] hyse;

Sitaat 9 [Siccama, s. 101]
Veteri jure frisico, art. 40. de uxore alterius raptâ.

Hot is riocht wharsoma en wijff an neda nimpt ende dat clagiet da frana so schilma her volgia metta Aesga tida fordel ther hio binna is en[I] da frana schil her fregia. hose dir[II] kome hor willens so onwillens: hockera hia dan quetz[III] so schil hia inda frana wald wessa tra[IV] nachta truch da need derma aldir[V] clagiet. Dis tredda deis aegse di frana anda werff te bringhen ende tue steven te setten her willa tho barien. Byda ene steve stania hera Megen ende by da ora her man. Jeff hia vida[VI] man geet so brucksa des manas mit willa om dat hia hera ledena wald aegh. Jeff hia tida me gen[VII] geet so schil hisa tweda jelda en[I] brand en[I] breck tielda ende tachentich pond heren en[I] lioeden jaen:
[I] ende; [II] der; [III] queth; [IV] tria; [V] alder; [VI] tida; [VII] megen

Sitaat 10 [Siccama, s. 107]
in jure nostro frisico art. lxxxi

Dit is dio riuchte Boedeleed di[I] da iena swarra schil der kamer en[II] kaien warada ho[III] aegh hy op tho nimen mit siner winstera hand sine winstera hara[IV] ende der op tho lidsena tween fingere*n* mit mit[V] sima[VI] fora hand en[II] swarra dan.
[I] der; [II] ende; [III] so; [IV] gara; [V] mit; [VI] sina

Sitaat 11 [Siccama, s. 121]
Hinc in jure nostro Frisico art. 32.
Hot is riocht dat di Greuwa der hyr Ban latz[I] des fiarda ieer Bodting halda moet.
[I] lath

Sitaat 12 [Siccama, s. 121]
In jure nostro frisico nihil frequentius, quam.
Hy schil dina ferd beta

Sitaat 13 [Siccama, s. 122]
In jure nostro Frisico saepius occurrit.
Hy schil da Ban beta

Sitaat 14 [Siccama, s. 122]
de quo in jure Frisico Tit. de XVII Kestis. art. x. sic habetur.
Dio tiaende Kest is dat da fresen thoren ner heerfaert fora ferra dan aester tho da Wesera ende wester tho da flee Zuidwird naet fora so hia am ieunda wer moga coma an do[I] owirrha om datse hiara lond behalda tho jenst wetter ende dia[II] heidena hera. Do baed di kuning Kaerl dat hia fora aester tho da hiddes ekera end wester tho da Sindfalla. Da beholden dina lioeda wijt dina Kuning Karl dat se zijn vader Pipwijn fora weldighet ne hade.
[I] da; [II] dio

Sitaat 15 [Siccama, s. 123]
in jure nostro frisico parte primâ art. xxxi, quod propter antiquitatis memoriam, in gratiam popularium meorum adscribere juvat
Hot is riocht alder di fria fresena xxx pond wird eruis haet oen zijnre war dat hy hors en[I] wepen halda schil thi da landwer. Jef hem dis brect so schil hy to jenst dina frana mey twam pond beta. whaso haut xx pond wird erves oen zijnre war di schil habbe truch langa wepen jefte mey twam pond beta. Whaso hat xii pond wird erves oen zijnre war dy schil habbe speer en[I] schild thi da landwar jefte mey twam pond beta. Di dir[II] haet lessa die schil habbe koker en[I] boga thia[III] da landwer jefte mei twam pon den[IV] beta.
[I] ende; [II] der ; [III] thi; [IV] ponden

Sitaat 16 [Siccama, s. 128]
Ius Frisicum Tit. ban[I] Birekena Bota id est, de calculatione mulctarum cap. de Capite.
Weerso een man dolghet wirt in zijn haud iefta oen zijn haud David he*m* zijn haud der fan so is dio bota achthiende hael pond.
[I] van

Sitaat 17 [Siccama, s. 128]
Durlegi lege duustsleke. Tit. de mulctis in principio.
Dusinga is dat een menscha slain se also seer dattet hem itta ara David en[I] duset so is dia[II] bota xvi graet.
[I] ende; [II] dio

Sitaat 18 [Siccama, s. 128]
Jef dat ara al af slain is jefta korven dio bota is iv. schellinghen
Tit. de mulctis cap. de auribus.

Sitaat 19 [Siccama, s. 129]
Iure Frisico tit. de poenis seu mulctis Weerbreuc appellatur, id est, labri ruptura, à Wera, quod labrum nobis significat, quod dentes custodiat, & defendat:
Also fijr so dio wera tilse van da toskena so aegh hy enes inreed in zijne mond ende een weerbreka ende een vlitwimelsa so is dera elckerlijck xvi. graet.

Sitaat 20 [Siccama, s. 136]
cap. de Weerbreeck:
Alse fijr dia wera tild se vanda toscka so aegh hy enes inreed in zijne mond en[I] ain[II] weerbrekis en[I] ain[II] vlitwimelsa so is dera elckerlijck xvi. graet
[I] ende; [II] een

Sitaat 21 [Siccama, s. 129]
Iure Frisico tit. de poenis cap. de collo.
Weerso een man in dio strotbolla dolget wirt en[I] wirt hem dio spreka da fiarndeel ara so aegh hy fijouwer pond, wirt dio da helfta ara sex pond. sint da twira delen a wey tiaen pond allenlijc oen to bringhen mey een sonderling etha
[I] ende

Sitaat 22 [Siccama, s. 131]
Iure Frisico Tit. de poenis.
Warso en oderen sina Tilinga benempt dio bota is vijf merck

Sitaat 23 [Siccama, s. 131]
in jure nostro. Tit. de poenis cap. de Capite.
Tre beenbrecken schilma beta inda breyn danna[I] mey xxxii. graet dio lettera benis wtgongh mey xvi. graet dio tredda benis wtgongh mey viii. graet. So schil hy swarra met ena eda datmet mochte hera clippa in een lewijn jef het voel van zijne kne vur negen stappen jelckers thormat naet beta
[I] breyn panna

Sitaat 24 [Siccama, s. 133]
Iure Frisico Tit. de poenis.
Jeft een man word worpen in een onwad wetter dat hy met aegenen mey siaen hor himel ner yrda ner dina grond reka mitta handen ner mitta voten so schilma hem beta met eenra lived wird tribeet jefta tot wasum[I] ontswarra.
[I] tolwasum

Sitaat 25 [Siccama, s. 136]
I. Fris. Tit. de Bloedresene.
Bloedresene onder da andleta mei Wlita ain[I] pond
[I] een

Sitaat 26 [Siccama, s. 72] Hofflonde

Sitaat 27 [Siccama, s. 85] Van dae swirds syde

Sitaat 28 [Siccama, s. 100 + errata, s. 159] aeftswird

Sitaat 29 [Siccama, s. 102] Aesgha doem & Schelte ban

Sitaat 30 [Siccama, s. 103] op da holgena witen

Sitaat 31 [Siccama, s. 109] jechtwird & seckwird

Sitaat 32 [Siccama, s. 111] ketelfang

Sitaat 33 [Siccama, s. 114] haudlesena

Sitaat 34 [Siccama, s. 129] Tzaackbreeck

Sitaat 35 [Siccama, s. 130] gersfallich

Sitaat 36 [Siccama, s. 131] faxfang

Sitaat 37 [Siccama, s. 132] clipschild

Sitaat 38 [Siccama, s. 133] ferdpennighen & huuslaga

Sitaat 39 [Siccama, s. 145] Reesraeff

Fryske Akademy
Ljouwert

LITERATUER

Algra, N.E., ‘Concordantie op de uitgaven van de Landrecht-redacties’, in: Ph.H. Breuker (ed.), *Landrecht der Vriesne: tekstuitgave en commentaar* (Leeuwarden 1996), 270-273.

Alma, R., ‘Het Oudfriese landrecht van het Oldambt’, *Us Wurk* 49 (2000), 2-45.

Boersma, S., ‘The *Compensation Tariff of Leeuwarderadeel* According to the Manuscript Jus Municipale Frisonum – A Diplomatic Edition’, *Us Wurk* 61 (2012), 57-68.

Bremmer, R.H., ‘Oer datearring, funksje en auteurskip fan de earste Fryske grammatika (1681)’, in: *Philologia Frisica Anno 1990. Lêzingen fan it tolfte filologekongres 17, 18 en 19 oktober 1990* (Leeuwarden 1992), 9-32.

Bremmer, R.H., *Hir is eskriven. Lezen en schrijven in de Friese landen rond 1300* (Hilversum 2004).

Bremmer, R.H., *An Introduction to Old Frisian. History, Grammar, Reader, Glossary* (Amsterdam en Philadelphia 2009).

Breuker, Ph.H., ‘On the Course of Franciscus Junius’ Germanic Studies, with Special Reference to Frisian’, in: R.H. Bremmer, G. van der Meer en O.Vries (red.), *Aspects of Old Frisian Philology.* Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik 31-32 (Amsterdam en Groningen 1990), 42-68.

Breuker, Ph.H., et al. (eds.), *Landrecht der Vriesne: tekstuitgave en commentaar* (Leeuwarden 1996).

Brouwer, J.H. (ed.), *Thet Autentica Riocht. Met inleiding, glossen, commentaar en woordenlijst* (Assen 1941).

Brouwer, J.H., ‘Hwet in pear flardtsjes parkemint yen leare kinne’, *Frysk Jierboek 1943* (Assen 1943), 32-35.

Buma, W.J. en W. Ebel (ed.), *Westerlauwerssches Recht I. Jus Municipale Frisonum*. Altfriesische Rechtsquellen 6. 2 dln. (Göttingen 1977).

Buma, W.J., *Vollständiges Wörterbuch zum westerlauwersschen* Jus Municipale Frisonum (Leeuwarden 1996).

Dekker, C., ‘The Old Frisian Studies of Jan van Vliet (1622-1666) and Thomas Marshall (1621-1685)’, in: R.H. Bremmer, T.S.B. Johnston en O. Vries (red.), *Approaches to Old Frisian Philology.* Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik 49 / Estrikken 72 (Amsterdam, Atlanta/GA en Grins 1998), 113-138.

Dekker, C., 'Franciscus Junius (1599-1677): copyist or editor?', *Anglo-Saxon England* 29 (2000), 279-296.
Dekker, C., 'Sibrandus Siccama's editie van de *Lex Frisionum*. Actie en reactie', in: R.H. Bremmer et al. (red.), *Speculum Frisicum. Stúdzjes oanbean oan Philippus H. Breuker* (Ljouwert en Leiden 2001), 95-116.
Dekker, C., 'Sibrandus Siccama on the *Lex Frisionum* (1617): Frisian Identity as a Philological Construct', in: R.H. Bremmer, S. Laker en O. Vries (red.), *Advances in Old Frisian Philology* (Amsterdam 2007), 65-90.
Eekhoff, W., 'Geschiedenis van de zamenstelling en uitgave van het Groot Plakkaat- en Charterboek van Friesland, benevens Levensschetsen van de bewerkers G.F. Baron thoe Schwartzenberg, Dr. Nicolaas Tholen en Mr. J.F.M. Herbell, met nog twee Bijvoegselen', *De Vrije Fries* 7 (1856), 324-361.
Eekhoff, W., 'Geschied- en Letterkundige Nalatenschap van Simon Abbes Gabbema, Historieschrijver van Friesland', *De Vrije Fries* 11 (1868), 273-338.
Feenstra, R., 'De Libri juridici van de Franeker universiteitsbibliotheek in de zeventiende eeuw', in: J.M.M. Hermans et al. (red.), *De Franeker universiteitsbibliotheek in de zeventiende eeuw. Beleid en belang van een academiebibliotheek* (Hilversum 2007), 29-66.
Gerbenzon, P., 'De Klearkampster stikken yn it twadde Copiarium fan Gabbema', in: W.J. Buma et al. (red.), *Bydragen wijd oan de neitins fan Mr. M.G. Oosterhout (1920-1970)*. Us Wurk 21-22 (Grins 1972-73), 31-36.
Gerbenzon, P., *Apparaat voor de studie van Oudfries recht.* 2 dln. (Groningen 1981).
Gerbenzon, P., 'Oudfriese handschriftfragmenten in de Koninklijke Bibliotheek te 's-Gravenhage', *Tijdschrift voor Rechtsgeschiedenis* 50 (1982), 263-277.
Herold, J., *Originum ac Germanicarum Antiquitatem libri* (Basel 1557).
Hofmann, D., en A.T. Popkema, *Altfriesisches Handwörterbuch* (Heidelberg 2008).
Jensma, G.T., 'Uit het huis van Arcerius. Acht "artes"-studenten en hun opvattingen over wetenschap en maatschappij, 1589-1639', in: G.T. Jensma, F.R.H. Smit en F. Westra (red.), *Universiteit te Franeker 1585-1811. Bijdragen tot de geschiedenis van de Friese hogeschool* (Leeuwarden 1985), 452-469.

Kuip, F.J. van der, *De Burmania-sprekwurden. Santjinde-ieuske Fryske sprekwurden ferklearre en yn har tiid besjoen* (Ljouwert 2003).
Meijering, H.D., *De Willekeuren van de Opstalsboom (1323). Een filologisch-historische monografie* (Groningen 1974).
Meijering, H.D. (ed.), *Oudfriese kronieken uit het handschrift Leeuwarden RA Schw. 3992*. Co-Frisica 1A/1B (Amsterdam 1986).
Meijering, H.D., 'Die altfriesischen monosyllabischen Infinitive auf *-n* und die Gliederung des Altfriesischen', in: R.H. Bremmer et al. (red.), *Aspects of Old Frisian Philology*. Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik 31/32 (Amsterdam 1990), 336-348.
Mol, J.A., 'Friese krijgers en de kruistochten', in: *Jaarboek voor Middeleeuwse Geschiedenis* 4 (Hilversum 2001), 86-117.
Nijdam, J.A., *Oudfries h in de combinaties #hl-, #hn- en #hr-* (doktoraalskripsje Aldgermanistyk, Universiteit fan Amsterdam 1997).
Nijdam, J.A., 'Het Oudwestfriese boeteregister *Bireknade Bota* (deel 1)', *Us Wurk* 49 (2000), 81-113.
Nijdam, J.A., 'Old West Frisian *bi tha sida* 'according to the custom': a case of intertextuality', *Us Wurk* 50 (2001), 14-26.
Nijdam, J.A., *Lichaam, eer en recht in middeleeuws Friesland. Een studie naar de Oudfriese boeteregisters* (Hilversum 2008).
Nijdam, J.A., 'Klinkende munten en klinkende botsplinters in de Oudfriese rechtsteksten: continuïteit, discontinuïteit, intertekstualiteit', *De Vrije Fries* 89 (2009), 45-66.
Noomen, P.N., 'Hachens en Wachens: Feit en fiksje yn midsieusk Fryslân', in: R.H. Bremmer et al. (red.), *Speculum Frisicum. Stúdzjes oanbean oan Philippus H. Breuker* (Ljouwert en Leiden 2001), 3-22.
Oosterhout, M., 'Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus', in: T. Hoekema et al. (red.), *Flecht op 'e koai: stúdzjes oanbean oan prof. dr. Wybren Jan Buma ta syn sechstichste jierdei* (Grins 1970), 95-110.
Pfeiffer, R., *History of Classical Scholarship. From 1300 to 1850* (Oxford 1976).
Popkema, A.T., 'Aldfryske wei-oantsjuttings', *Us Wurk* 51 (2002), 87-127.
Popkema, A.T., 'Aspekten fan it Freeska Landriucht – Oer de edysjeferdieling fan Galama', in: *Philologia Frisica Anno 2002. Lêzingen fan it sechtjinde Frysk filologekongres 11, 12 en 13 desimber 2002* (Leeuwarden 2003), 171-182.
Schotanus, C., *Beschryvinge van de heerlyckheydt van Frieslandt tusschen 't Flie end de Lauwers* (Amsterdam en Frjentsjer 1664).

Siccama, S., *Lex Frisionum sive antiquæ Frisiorum leges a reliquis veterum Germanorum legibus separatim æditæ & notis illustratæ* (Frjentsjer 1617).
Siems, H., *Studien zur Lex Frisionum* (Ebelsbach 1980).
Sipma, P. (ed.), *Oudfriesche oorkonden I.* Oudfriese Taal- en Rechtsbronnen 1 (Den Haag 1927).
Sipma, P. (ed.), *Oudfriesche oorkonden II.* Oudfriese Taal- en Rechtsbronnen 2 (Den Haag 1933).
Sjölin, B. (ed.), *Die 'Fivelgoer' Handschrift* I. Oudfriese Taal- en Rechtsbronnen 12 (Den Haag 1970).
Versloot, A.P., *Mechanisms of Language Change. Vowel Reduction in 15th century West Frisian* (Utert 2008).
Vries, O., 'Nòch in Aldfryske oarkonde út Gint', *Us Wurk* 27 (1978), 78-80.
Vries, O., 'In Frysktalich *Memoriael* fan Sicke van Hemmingha', *Us Wurk* 29 (1980), 22-28.
Vries, O., 'Aldfryske famylje-oantekeningen yn in Middelnederlânsk "getijdenboek"', *Us Wurk* 34 (1985), 44-49.
Vries, O., 'Aldfryske ynskriuwingen yn it boargerboek fan Snits (1517)', *Us Wurk* 36 (1987), 55-56.
Werf, W.A. van der, 'Franciscus Junius' scribal practice as regards *wh*-spellings in Old English and Old Frisian manuscripts', *Meidielingen fan de stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam* 3 (1978), 1-31.